

TOP OF HOLLAND?

Top of Holland ?

in takomstfisy

wurkgroep Foarum

Ljouwert, maart 1995

· INHALDSOPJEFTE

Wurd Foarof

I	Algemeine Untjouwingen	1
	1. Fergifbult of dwingel	1
	Koloniale ferhâldings	2
	2. De wrâld nei ôfrin fan de Kâlde Oarloch	3
	Minder fellich	3
	3. De ûntjouwing fan de steat	4
	Ienriedigens	4
	4. Fannijs in sosjale kwestje?	5
	5. Konklúzje	7
II	Polityk en Planology: Oer ús en sûnder ús	9
	1. De Republyk fan de Feriene Nederlânnen	9
	Posysje Fryslân en Grinslân	10
	2. Sintrale ekonomyske polityk	11
	Foarrangsbelied	12
	3. East-Fryslân	13
	4. Noard-Fryslân	13
	5. Nei 1945	14
	Ferneatiging sosjaal-ekonomyske struktuer fan it Noarden	16
	Gefaarlike kant	17
	6. Konklúzje	18
III	Sêft slomjende wingewesten	19
	1. Hollân ta swiertepunt makke	19
	Sosjale ellinde	20
	2. Yndustrialisaasje	21
	Regionaal belied	22
	3. Noardlike ekonomy	22
	Noarden brocht minstens 140 miljard op	23
	Gjin foardiel	24
	4. East-Fryslân	25
	5. Noard-Fryslân	26
	6. Konklúzje	27
IV	Fryske Taal en Kultuer: Warleas foar waar en wyn	29
	1. Alde identiteit	29
	De namme Fryslân	30
	2. Nederlân lang gjin ienheid	31
	3. Stagnaasjeferskynsel	32
	Hiel muoisum	33
	4. Konklúzje	34
V	Wat kinne wy dwaan?	35
	1. Euroregio's	35
	2. In wrâld fan lytse steaten?	36
	Arguminten foar lytse steaten	37
	3. Gearwurkingsútstellen	38
	Kommintaar	40
	De nije Hanze	41
	De WENN	41
	De Iems-Dollardregio	42
	4. Selsbestjoer	42
	5. Inkelde opmerkings oer nasjonalisme	43
	It Fryske nasjonalisme	44
	6. Doel: autonomy	45
	Senario's	46
	In eigen parlemint	46
	In namme: Fryslond	47
	7. Konklúzje	50

WURD FOAROF

Doe't presidint Theodore Roosevelt fan de Feriene Steaten begûn yn syn amt sei er: „As der gjin fizio is, giet it folk ten ûnder.“ Dizze útspraak soe it biedwurd wêze kinne oan it begjin fan de hjirneifolgjende polityk-maatskiplike skôging. Der wurdt hjoeddedei in soad praten oer de takomst. Fragen dy't dêrby oan de oarder komme binne bygelyks: wat sil it nije Europa ús bringe, hoe sil it gean mei it bestean fan de minsken yn Fryslân, hoe sil it de Fryske taal en kultuer fergean?

Foarstanners fan grutskalich tinken pleitsje út de losse hân foar alle mooglike gearwurkingsferbannen, sûnder har te bekroadzjen om de gefolgen, dy't sa'n ûntrochtichte gearfoeging fan besteande ferbannen op alle mooglike fjilden hawwe sil. Oan de oare kant binne der foarstanners fan it behâld fan it Frysk eigene, dy't fanút in ferdigenjende posysje eins allinnich mar fêsthâlde wolle oan it besteande en net rjocht sicht hawwe op wat oare oplossingen dochs wol foar ús betsjutte kinne, ek yn positive sin.

De gearstallers fan dit rapport fiele har ferbûn mei Fryslân. Dat Fryslân is lykwols wat oars as de provinsje mei dy namme binnen it Nederlânske steatsferbân. Beskiedend yn dit ferbân is út útgangspunt, dat Fryslân de geografyske romte is dêr't it Fryske folk wennet. Omdat soks net in saak is fan krekte provinsjale grinzen mar mear fan in idee mei taalkundich-kulturele en histoaryske eftergrûnen en in soasjaal-ekonomyske problematyk, belûke wy útdruklik mear gebieten as de provinsje Fryslân yn ús skôging.

Us stúdzjegroep hat him de ôfrûne jierren bûchd oer de fraach nei Fryslâns takomst en besocht in antwurd te formulêrjen. Dêrby is útdruklik net sjoen nei de Nederlânske provinsje Fryslân allinnich. Wy komme fierderop yn dit rapport mear yn detail werom op ús Fryslân-begryp. Om no al in haadline oan te jaan: de ûntjouwingen yn de Nederlânske provinsje Fryslân kinne neffens ús net los sjoen wurde fan de ûntjouwingen yn in folle grutter gebiet, benammen eastlik fan ús. Wy sille dêrom safolle mooglik yn ús ferhaal it hiele eardere Fryske Noardseekustgebiet fan Alkmaar oant en mei Noard-Fryslân beskôgje.

Foarôfgeand oan ús analyse fan de Fryske sitewaasje komt in beskriuwing fan de mondiale ûntjouwingen. It libben mei dan nei it wurd fan Piter Jelles Troelstra yn rûnten om ús hinne lizze, de bedrigingen en de útdagingen fan ús dagen en de takomst jilde de hiele wrâld. En de hiele wrâld soe dêr ek ienriedich op reagearje moatte. Troelstra soe ús dat net ûntstriden hawwe. Yn de haadstikken II, III en IV folget in analyse fan de feitlike posysje fan de Fryske gebieten, en yn haadstik V wurdt oanjûn, op hokker doel wy neffens ús stúdzjegroep ta moatte. Der is ek literatuer opnommen, foar minsken dy't wite wolle, wêr't wy ús op beroppe en dy't fierder yn de troch ús beskreaune problematyk studearje wolle. Yn elts gefal is dit stik bedoeld as middel om in brede diskusje op gong te bringen yn safolle mooglik rûnten. Dy diskusje kin nije opfettingen en feiten opleverje. Boppedat giet de polityk-maatskiplike ûntjouwing fierder. It is dêrom tinkber dat dit boek oer in pear jier folge wurdt troch in nije publikaasje, dêr't wy yngeane op wat de diskusje oplevere hat. Ek is it mooglik, dat wy komme mei útwurkingen fan de tema's yn dit earste boek.


De stúdzjegroep Foarum:

Jan van der Baan
Doede Damsma
Sikke Doting
Kerst Huisman
Auke Kleefstra

I ALGEMIENE UNTJOUWINGEN

It is mear as tweintich jier lyn, dat de Klub fan Rome, in groep fan ynternasjonale deskundigen, meitige alarmearjende foarsizzings kaam oer de takomst fan de wrâld. De grutste bedriging is neffens dizze klub de driigjende ein fan it minskdom troch de massale ferneatiging fan de mooglikheden dy't it libben sels op dizze planeet drage. It giet yn de troch de Klub fan Rome begûne diskusje oer fiif faktoaren, dy't op elkoar ynwurkje: befolking, iten, yndustry, grûnstoffenferbrûk en fersmoarging. By dy fiif faktoaren wurde allegearre oare aspekten, lykas sosjale tsjinstellings, psychologyske wjerstannen en machtsferhâldingen noch net iens belutsen. As dat wol dien wurdt, wurde de foarsizzings fan wat der barre kin, noch folle pessimistysker. De fiif neamde faktoaren hawwe de eigenskip om elkoar fuort te sterkjen.

Frij algemien binne de ferwachtingen, dat de wrâldbefolking eksploosyf tanimme sil. Sûnt 1950 is it oantal ierdbewenners ferdûbele fan 2,5 oant goed 5 miljard no. Yn 2035 sille der, sa binne de rûzingen, 8,2 miljard minsken wêze. Pas oan de ein fan de nije ieu sil de groei ôfnimme en sil it nivo fan de wrâldbefolking him stabilisearje op 10 oant 12 miljard. Mar der binne noch hegere rûzingen: 6,3 miljard yn 2000 en mooglik 19 miljard oan de ein fan de folgjende ieu.



Figuer 1: Der binne pessimistyske en hiel pessimistyske ferwachtings oangeande de befolkingsgroei oer de hiele wrâld. De gegevens foar dizze tekening binne ûntliend oan de publikaasjes fan Bertram, Van den Brink en Ehrlich en Ehrlich.

Fergifbult of dwingel

No, by sawat fiif miljard minsken, is der al in tige soarglike sitewaasje wat it iten oangiet. In miljard minsken hat no al regelmjittich hunger, wylst de produksjemooglikheden fan iten lykje ôf te nimmen troch de efterútgong fan de boaiemkwaliteit troch erosy en de útwreiding fan de woastinen. Tanimmende befolking liedt ta in tanimmend beslach op minder grûn en grûnstoffen. Neffens Kanadeeske deskundigen wurdt de befolkingsgroei it allesoerhearskjende probleem fan de neiste takomst. De befolkingsgroei kin neffens har liede ta in ierde. Dy't in krusing wurdt tusken in fergifbult en in dwingel.

It troch fersmoarging feroarsake broeikasfeffekt sil ekstremer waar feroarsaakje yn de foarm fan droechte en stoarmen. It omheechkommen fan de see sil ûndjippe parten fan de kustseeën djipper meitsje. Soks sil grutte negative gefolgen hawwe op de natuerlike oanwaaks fan fisk. Yn in soad lannen is fisk in wichtige fiedselboarne. Der is ek in senario dat it broeikasfeffekt mear bewolking feroarsaakje sil. Dêrtroch sil der mear snie falle binnen de poalsirkel en wreidet it iis om de poalen hinne him sterk út. Sels in nije iistiid soe yn dat gefal net útsletten wurde kinne. Dêrmei soenen grutte parten fan de see droechfalle. Ek dat is net in fleurich takomstperspektyf.

It binne benammen de produksje-, konsumpsje- en hannelspatroanen fan Noard-Amearika, West-Europa en Japan, dy't in wichtige oarsaak fan de earmoed en de miljeufersmoarging yn grutte parten fan de wrâld lykje te wêzen. Dêr komt by, dat dy patroanen draaien bliuwe moatte fanwege de hieltyd besteande driging fan yniensstoarting. De produksjegroei yn de saneamde rike lannen leveret, sa stelt Hoogendijk, al skoften lang gjin netto baten mear op en bringt dêr gâns skea ta oan minske en miljeu. Dy waaksdom hat in twangmjittich karakter, omdat it jildferkear as selsstannige faktor de produksjespiraal oanjaget; de rinte twingt de produsint ta in hieltyd gruttere produksje omdat hy oars de rinte op it foar ynvestearringen liende jild net mear opbringe kin. Dêrtroch moatte der hieltyd nije ekonomyske aktiviteiten skepen wurde. Mar dy groei kin de wrâld net mear ferneare. Boppedat triuwt de rinte dy lannen yn de Tredde Wrâld dy't mei grutte skulden oantangele sitte, hieltyd fierder yn de ellinde.

Koloniale ferhâldings

André Gunder Frank, dy't in stúdzje makke fan de histoaryske ûntwikkeling fan Latynsk-Amearika, kaam ta de konklúzje dat de ûnderûntwikkeling dêr feroarsake wie troch it kontakt mei de kapitalistyske metropoalen. Tendinzen ta eigen ûntjouwing hienen der allinnich west as it kontakt tusken Latynsk-Amearika en de yndustrylanden tydlik troch oarloch en/of ekonomyske crises weifoel. Wêzentlik yn de ûntjouwing binne de koloniale ferhâldings. Gorz lei der yn 1968 de klam op, dat de grinzen tusken ekonomysk oerhearskjende machten en oerhearske folken, tusken kolonisatoaren en kolonisearren net allinnich tusken de naasjes trochrinne, mar ek binnen eltse steat fan de yndustriële ûntwikkele wrâld.

It kolonialisme-model is likegoed tapasber binnen de heechûntwikkele yndustrylanden sels. Gorz, Hechter en Jalée sprekke dêrom fan yntern kolonialisme. De troch har ûntwikkele modellen jouwe in soad oanknopingspunten foar in ferklearring fan oerûntwikkeling en ûnderûntwikkeling binnen de yndustrialisearre steaten sels.

Gorz wiist op ûntjouwingen yn Frankryk. Troch de sintralistyske polityk fan de steat is gjin inkelde regio, Parys en it Rhônegebiet útsûndere, langer by steat wurk te bieden oan in reedlik persintaazje fan jonge minsken. Der binne gebieten yn Frankryk dy't in leu lang brûkt binne as leveransiers fan strategyske grûnstoffen, wylst nea tocht is oan it opbouwen fan in yndustry, dy't de eigen grûnstoffen ferwurkje kinne soe.

De geografyske konsintraasje fan ekonomyske macht en jild hat binnen it rike part fan de wrâld in betreklike ferearming ta gefolch hân fan regio's, dy't foar it grutste part troch politike omstannichheden ta periferij wurden binne. Dizze gebieten „binne troch de yndustriële en finansjele poalen brûkt as reservoir fan hantwurkslju, grûnstoffen en lânbouprodukten. Krekt lyk as de koloanjes fan de Europeeske grutmachten hawwe dizze ôfsidich leine streken oan de metropolen har sparjild, har wurkkraft, har minsken levere, sûnder dat hja der rjocht op hienen de kapitalen, dy't tanksij har wurk byelkoarbrocht wienen, op it plak sels fannijs te ynvestearjen.”

Grutte gebieten, sa seit Gorz, koenen sa ta krite fan wurkleazens en ellinde wurde, „of streken dy't sa útklarke wienen dat it 'point of no return' berikt waard, d.w.s. dat se op in punt kommen wienen dat se by brekme oan in reedlik persintaazje jonge ynweners, en by brekme oan yndustriële en kulturele sintra, ûnmooglik ta ûntjouwing brocht wurde koenen. Somtiden waarden dizze streken wer woastinen of steppen.”

2. De wrâld nei ôfrin fan de Kâlde Oarloch

Yn de tiid fan de Kâlde Oarloch hawwe der ferskate kearen hiel gefaarlike mominten west. Nei de ein fan dit konflikt is de wrâld der lykwols net feiliger op wurden. Kommunisme en sosjale revolúsjes koenen allinnich in bedriging foar it Westen en syn frije ûndernimmingswize produksje wêze, salang't der machten bestienen, dy't by steat wienen revolúsjes te eksportearjen. Dat wie doe't de Sowjet-Uny yn de wrâldpolityk min of mear as lykweardich sjoen waard oan de Feriene Steaten fan Noard-Amearika. Ferlike mei de FS hat de Sowjet-Uny yn al dy 65 jier fan syn bestean in supermacht fan it twadde plak west. Sawol bewapenings-technologysk as ekonomysk leinen de FS nei 1945 hieltyd foarop. Der binne guonlju dy't miene, dat it rikere Westen de hieltyd efteroankommende Sowjet-Uny winliken stikken bewapene hat. Sa besjoen soe de ynstoarting fan it kommunistyske systeem in gefolch fan de bewapeningswedrin west hawwe.

No't dy kommunistyske wrâldmacht net mear yn wêzen is, is der in prinsipiële feroaring ynsetten. De âlde twapoolige ferdieling fan de macht tusken de Sowjet-Uny en it feriene Westen, is oan it weiwurden. Dat laat sawol yn East- as West-Europa ta minder stabile krêftsferhâldingen. De gefaren dêrfan dogge al fuortendalik bliken yn East-Europa. Der bestiet in reëel oarlochsgefaar lykas yn it eardere Joegoslavië. Reëel is ek it gefaar fan de fersprieding fan kearnwapens oer in soad lannen. Net al dy lannen hawwe stabile regearingen. De measte minsken leuden, dat mei it weifallen fan de skiedslienen yn Europa de kâns op frede folle grutter wurde soe. Fan gesachhawwende Amerikaanske side is ernstich tsjin dat optimisme warskôge. Liberale demokrasyen binne net per definysje freedsummer as diktatueren. Soks falt út de skiednis te learen.

De wiere striid fynt plak op it mêd fan ekonomy en hannel. Dy striid sil gjin grutte oarloppen feroarsaaksje, mar wol hurd en sûnder meiliden wêze, neffens Amerikaanske deskundigen. Dy striid sil wierskynlik liede ta in ferskerping fan de sosjale tsjinstellings, en dy kinne op harsels wer ta oarloch liede. It is net krekt te sizzen, wat de gefolgen wêze foar bygelyks it sosjale fersoargingsstelsel yn Nederlân en Dútsklân. Mar dat dy gefolgen yngripend wêze kinne, kin elts fan tinken wol hawwe.

Minder feilich

It âlde mearpoalige steatesysteem fan mear as twa grutmachten ferdwûn mei de ôfrin fan de Twadde Wrâldoarloch. Machtskonkurrinten lykas Dútsklân waarden útskeakele. Boppedat kaam in grut gebiet mei fanâlds sterke nasjonale tsjinstellings, East-Europa, ûnder de Sowjet-macht. Ek wienen der de kearnwapens, dy't - efterneibesjoen - in nij grut konflikt yn Europa ta in net te oanfurdigjen mooglikheid makken. Mei it ynstjoarten fan it kommunisme liket Europa werom te gean nei de sitewaasje fan foar 1939. Dat wie in steatesysteem, dat him net konsintrearre op twa poalen, mar op mear. Sa'n steatestelsel is per definysje folle ynstabiler as in twapoolige ferhâlding Sowjet-Uny - Westen. It is in systeem dat yn it ferline in soad aggresje feroarsake hat.

In twapoolich systeem is feiliger, omdat der dan mar twa grutte machten tsjinoer elkoar steane. Dy machten easkje de lojaliteit fan de swakkeren. Sa wurde de lytsere steaten beskerme tsjin elkoar en tsjin oanfallen fan de oare kant. It multipoolige steatesysteem is folle gefaarliker, omdat der folle mear faktoaren ûnwis binne. Dútsklân hat him twa kear ferliede litten ta in dramatysk avontoer omdat it syn tsjinstanners ûnderskatte. De machtsûngelikenens nimt ta, en soks noeget út ta oarloch, omdat dan agresje leanjend wurdt. Wat der de ôfrûne tiid yn it eardere Joegoslavië foarfallen is, is in dúdlike yllustraasje fan dizze stelling.

As nei de Russen ek de Amerikanen har út Europa werom lûke soenen, sille neffens guon deskundigen Dútsklân, Frankryk, Grut-Brittanje, Ruslân en mooglik ek Italië de status fan grutte steat neistribje. It kin in Europa sûnder of ien mei kearnwapens wurde. Yn in Europa sûnder kearnwapens binne neffens Mearsheimer ûnderskate senario's tinkber, lykas militêre aggresy fan Dútsklân tsjin Poalen, Tsjechië, Slowakije of sels Eastenryk, of konflikten tusken Roemenië en Hongarije, Poalen en Tsjechië of Slowakije, Poalen en Litauen, Turkije en Griekenlân, om noch mar

te swijen fan ûntjouwingen op it grûngebiet fan de eardere Sowjet-Uny. Mearsheimer, dy't ein 1990 in tal fan dizze mooglikheden sketste, neamde doe in oarloch tusken de folken fan it eardere Joegoslaavje hiel wol mooglik. Hy hat binnen it jier gelyk krigen. Ek de betrekkingen tusken de steaten fan de Europeeske Mienskip fan hjoeddai kinne neffens him yngripend feroarje, en ek hjirre wurde konflikten wierskynliker.

3. De ûntjouwing fan de steat

De foarming fan de moderne steaten is neffens guon begûn mei it ferlet fan de minsken om waarboargen te skeppen tsjin earmoede en ûnfeiligens. Hja tinke dat de moderne steat de útdrukkingsfoarm is fan it minsklike emansipaasjestrjeben. De primitive, yn sibbe- en Skier- en Fetferbân libjende minske soe in ferlet hân hawwe, waarboargen te skeppen tsjin ûnfeiligens en efterbleaunens. Mar winliken wie it proses fan steatsfoarming yn de measte gefallen in fan boppen opleine saak, dy't allerearst temjittetkaam oan it ferlet fan ûnderskate elites. Steatsfoarming late ta in gearranning fan kapitaal by persoanen en groepen en yn ûnderskate stêden en regio's. Sa'n proses gong útsoarte op kosten fan oare groepen en regio's.

Steatsfoarming hat in proses west, dat tsjinstellings oanskerpe. Dat proses koe fansels dêrom allinnich mei geweld (de foarming fan absolutistyske steaten) of ûnder driging fan gefaren fan bûtenôf (de foarming fan de Republyk fan de Sân Feriene Nederlannen as gefolch fan de striid tsjin Spanje) trochset wurde. Ek de foarming fan de Nederlânske ienheidssteat is fan dat geweltsgebrûk in foarbyld. De stap ta dy ienheidssteat waard mei twang setten yn de tiid fan de Bataafske Republyk en yn 1815 bekrêftige mei in gearkomst yn de Grote Kerk yn Amsterdam. Ut eltse provinsje wei wie in tal adellike persoanen útnoege, om de de Nederlânske ienheidssteat ienfâldichwei te proklamearjen.

Algemien wurdt ferûndersteld dat it yn de jierren fyftich en sechstich opboude systeem fan fersoargingssteaten yn de Atlantyske wrâld de logyske en needsaaklike útkomst west hate fan in ieuwenâld proses fan steatsfoarming. It kin net ûntkend wurde, dat de fersoargingssteat nea bestien hie as der net earst in proses fan steatsfoarming west hie, mar de moderne fersoargingssteat is net needsaaklikerwiis de útkomst fan dy steatsfoarming. Wylst it proses fan steatsfoarming plakfûn binne steaten mear as ien kear foar ernstige ynlânske útdagings pleatst. Dêrby falt te tinken oan ôfskiedingsbewegingen of politike bewegingen, dy't de steat al dan net revolusjonêr herfoarmje woenen. De steat kin allinnich omskreaun wurde as it hieltyd wer feroarjende kompromis fan in oantal (tsjin)stridige belangen.

Ienriedigens

Steatsapparaten hawwe by soksoarte útdagings oanstried, nei in gefoel fan ienriedigens te strjeben. Hja dogge dat troch nei fermogen ta te jaan oan de útdaagjende partij. Yn it gefal fan de nei sosjale rjochtfeardigens strjebjende arbeidersbeweging wurdt dy ienriedigens besocht te skeppen troch in gehiel fan soasjale foarsjennings op te bouwen. Yn it gefal fan ôfskiedingsbewegingen bart dat troch bygelyks ta te jaan oan kulturele ferlangens fan sokke bewegingen.

De steat beskikt oer gâns middels om dy ienriedigens op in sêfte manier ôf te twingen. It systeem fan ferplicht leger ûnderwiis is bygelyks in hiel gaadlik middel om de hiele befolking rjochtstreeks ûnder it berik fan it steatsapparaat te krijen. De úteinlike útkomst wie, sa skriuwt De Swaan, in ferplicht, de hiele steat omfiemjend leger ûnderwiisstelsel dat alle bern ûnderrjocht joech yn trije standert-basisfeardichheden foar it hiele gebiet: it sprekken, lêzen en skriuwen fan ien (keunst)taal, tapassing fan elemintêre rekkenkunde, begryp fan romte en tiid yn termen fan „vaderlandse” skiednis en ierdrykskunde. Yn dit kommunikaasjenetwurk en mei dizze ienfâldige koades waard in massapublyk foarme foar de tweintichste iuske polityk en de moderne elektroanyske media, dy't (út soarte) stevich yn hannen fan de nasjonale sintra fan politike en ekonomyske macht binne. In breed systeem fan sosjale foarsjennings en regelingen oangeande de sûnenssoarch hat de

akseptaasje fan de moderne ienheidssteat by it publyk hiel grut makke. De steat is yn de eagen fan in soad minsken it symboal wurden fan praktyske rjochtfeardigens.

Mar nettsjinsteande dat is der gjin finale en fêste tastân fan lykwicht berikt, hoewol't in soad minsken dat wol tinke. De besteande steaten lykje hast fersekere te wêzen fan it ivige libben. It hat in soad fan nasjonalistyske selsfoldienens. In soad minsken realisearje har net, dat it systeem fan steaten ek yn West-Europa alhiel net sa stevich is as it op it earste gesicht liket. It hie bygelyks net safolle skild, of der hie alhiel gjin Dútsklân mear west. As inkelde belangrike Amerikanen en fersetsgroepen doedestiids har sin krigen hienen, hienen der allinnich noch mar lytse steaten tastien west op it eardere Dútske grûngebiet, fan East-Fryslân oant Beieren.

Ek steaten mei in festige demokratyske tradysje wienen lang sa stabyl net as tocht waard. Noarwegen skate him dizze ieu ôf fan Sweden, Iislân en de Färoer fan Denemarken, Ierlân fan Grut-Brittannië. It meast aktuele foarbyld belibje wy yn België, dat praktysk al yn twa steaten útelkoar fallen is: Flaanderen en Wallonië. Skotlân en Wales diskussearje oer nasjonale ûnôfhinklikens, Eastenrykske en Italiaanske Tirolers demonstrearje oan de Brenner foar herieniging en de diskusje oer nasjonale selsbeskikking fan Katalanen en Basken belibbet op dit stuit ûnder de yndruk fan wat der yn East-Europa bart, in nij hichtepunt.

4. Fannijs in sosjale kwestje?

It efterûtkringen fan de rol fan de steat, dat op dit stuit hast rûnom bepleite en stipe wurdt, kin fiergeande gefolgen hawwe foar de sosjale sitewaasje, ek binnen de westlike fersoargingssteaten, en dêrmei foar de noch hieltyd frij brede akseptaasje fan dy steat. Wy sjogge it elke dei om ús hinne. In tal wichtige ferwurvenheden fan de arbeidersbeweging, lykas de Wet op de Arbeidsûngeskiktens (WAU/WAO) en de Earder Ophâlde Mei Wurkjen Regeling (EOMWR/VUT), lykje op de tocht te stean. Ek wurdt al wiisd op de mooglikheid dat de Algemiene Alderdoms Wet (A&W/AOW) yn de takomst yn syn wurking beheind wurde sil.

Tanksij de opbou fan de westlike fersoargingssteaten is der yn grutte dielen fan West-Europa in reedlik libbenspeil skepen foar eltse ynwenner. De opbou fan dy fersoargingssteaten hat binnen dy steaten it gefolch west fan de striid dy't de arbeidersbeweging fierd hat foar in fetsoenlik libben fan leanôfhinklikens. Ynternasjonaal sjoen hie it berikken fan sa'n reedlik libbenspeil yn de jierren sechstich ek te krijen mei de ynternasjonale krêftsferhâldingen.

It kommunisme yn East-Europa wie lang in hiel wichtige politike en militêre machtsfaktor, en tsjinne sa lang as it oan de macht wie, as in beskate waarboarch tsjin al te ekstreme ûngelikenens yn West-Europa. West-Europa koe him, mei it kommunisme sa ticht by, gjin sitewaasjes as út de krisisjierren 1929-1939 permittearje. Men moast nei 1945 wol oergean ta opbou fan de fersoargingssteat. It soe justjes te fier gean om te sizzen dat de wolfeart fan de jierren sechstich en santich by ús te tankjen wie oan it feit, dat de Russen yn Berlyn stienen, mar it is net te ûntstriden, dat der dochs in ferbining tusken it iene en it oare lein hat.

Dy sitewaasje is no prinsipiëel feroare. It feriene Europa foarmet him sûnder sosjale en politike faktoaren winliken te regeljen. Foarrang hat de ekonomyske en monetêre ienwurding. Tagelyk ferdwynt yn East-Europa de politike faktor, dy't om it sa mar te sizzen, as in stok efter de doar beskôge wurde koe foar it behâld fan de sosjale foarsjennings yn West-Europa. De Amerikaanske ekonoom Reich tinkt, dat de naasjes ophâlde sille te bestean as sôvereine gebieten. Foar de riken en machtigen sille gjin grinzen mear bestean. Wa't net sa tûk of sterk is kin der net fan meiprofitearje. Dat sil foar fierwei de measte minsken jilde. De rike boppeerein sil net bliuwend ree wêze ta in likense ferdieling fan besit.

Neffens Reich sil der in skerpe twadieling ûntstean kinne yn Amerika en yn oare yndustrylannen. It glet dan om in dieling tusken in relatyf lytse rike bopperein en in grutte groep earmen. De riken ferskânsje har yn beskate parten fan in steat mei alle mooglike foarsjennings op it mêd fan ûnderwiis en kultuer en bewapenje har tsjin de grutte klïbers earmen, dy't hast neat mear hawwe en omdoarmje. Dy earmen hawwe dan gjin steat mear, dy't it foar har opnimt. De tradysjes fan Europa binne oars as dy fan Amerika, mar de kâns is grut, dat it ek hjir komme sil ta in weromkringen fan de sosjale foarsjennings mei alle fertrietlike gefolgen dy't soks yn him hat. Faaks sil it net sa dramatysk gean as Reich dat skilderet, mar de tebeksetten sille nei alle gedachten tige hurd oankomme kinne.

De iennichste útwei soe mooglik it opbouwen fan in „wrâldfersoargingssteat“ wêze. Minimale fersoargingssteaten binne yn de earne lannen, technysk beskôge, wiswier wol op te bouwen. Mar de kâns dêrop liket hast te ferdwinen as men al de yn it begjin neamde ekstra faktoaren deryn belûkt. De Swaan wol derop ta, dat it iepenjen fan alle grinzen in oplossing bringe kin. Der soe sa úteinlik in lykwaardige ferdieling fan wurk en mooglikheden foar eltse ierdbewenner ta stân komme. Mar dit is in loftfytterssenario. Hy jout sels ek dalik ta, dat der earst in ûnfoarstelbere gaos út folgje sil. Folle wierskynliker is, dat it westerske systeem fan fersoargingssteaten beswike sil.

5. Konklúzje

It falt net ta om oan foarsizzings foar de takomst te dwaan. Yn de boppesteande beskriuwing is in soad werjûn fan de diskusjes dy't der op dit stuit oer de tastân op de wrâld oan de gong binne. Faaks is it byld dat dêr út oprist, te pessimistysk. Dochs lykje wy net om de konklúzje hinne te kinnen dat de wrâldomfiemjende politike feroaringen fan ús dagen en de eksplosyf tanimmende wrâldbefolking ta ferskuorrende problemen liede sille. Mar ek by minder pessimistyske ferwachtingen lykje yn Europa twa ûntjouwingen. Yn it foarste plak sille de ynternasjonale spanningen tanimme. De kâns op noch mear wapene konflikten is yn elts gefal yn East-Europa hiel grut, mar moat ek op 'n doer yn beskate sitewaasjes yn West-Europa mooglik net útsletten wurde. Yn it twadde plak sil de sosjaal-ekonomyske ûngelikenens wer tanimme, sawol yn de ferhâldingen earm en ryk as ek geografysk binnen de westerske steaten sels. By in fierdere beskriuwing fan wat wy yn Fryslân eins wolle, sil dêrfan út gien wurde moatte.

Literatuur:

- BERTRAM, CHRISTOPH: Dämme wider die Menschenflut. Die Bevölkerungsexplosion im Armengürtel der Erde und wir. Die Zeit 17 augustus 1984.
- BRINK, JAAP VAN DEN: Aarde wordt onherkenbaar. Leeuwarder Courant 31 desimber 1988.
- BRUN, ELLEN, en JACQUES HERSH: Leerboek over imperialism. Mechanismen van de uitbuiting. Amsterdam 1975.
- CALJÉ, KEES: Ondergang of een schoner milieu. De onmacht van de economie. NRC/Handelsblad 1 juny 1989).
- EHRlich, PAUL R. en ANNE H. EHRlich: The Population Explosion. New York 1990.
- GOLDBERG, ANDREW: Kruitvat Europa. Intermediair 8 desimber 1989.
- GORZ, ANDRÉ: Het moeilijke socialisme. Socialisten en reformisten; vervreemding zonder uitbuiting; studenten en arbeiders. Amsterdam 1968.
- HECHTER, MICHAEL: Internal Colonialism. The Celtic Fringe in British national development, 1526-1966. Londen 1975.
- HOOGENDIJK, WILLEM: The economic revolution. Towards a sustainable future by freeing the economy from money-making. Utert 1991.
- JALÉ, PIERRE: Wat is kapitalisme? Een marxistische visie op onze samenleving. Amsterdam 1975.
- KALMA, PAUL: De illusie van de 'democratische staat'. Kanttekeningen bij het sociaal-democratisch staats- en democratiebegrip. Dimter 1982.
- KOOLE, WIBO, en GÖRAN THERBORN: De Casablanca-solution voorbij. De merkwaardige dood van het Keynesianisme en de relatieve verpaupering van Nederland. Yn: PIM FORTUYN en SIEP STUURMAN (red): Socialisten in no nonsense tijd. Nimwegen 1987.
- MEARSHEIMER, JOHN J.: Heimwee naar de Koude Oorlog. Intermediair 30 novimber 1990.
- REICH, ROBERT: The work of nations. New York 1991.
- STUURMAN, SIEP: Verzuiling, kapitalisme en patriërchaat. Aspecten van de ontwikkeling van de moderne staat in Nederland. Nimwegen 1983.
- SWAAN, ABRAM DE: Zorg en de staat. Welzijn, onderwijs en gezondheidszorg in Europa en de Verenigde Staten in de nieuwe tijd. Amsterdam 1989.

II POLITYK EN PLANOLOGY: OER US EN SUNDER US

De Fryslannen meitsje hjoeddedei diel út fan de Nederlânske en Dútske ienheidssteaten. De Nederlânske ienheidssteat bestiet sûnt 1814, en is in fuortsetting fan de eardere Republyk fan de Sân Feriene Nederlannen. De Dútske ienheidssteat ûntstie pas yn 1871 út in grut tal lytse selsstannige ferbannen, dêr't it dominante Prusen dêryn slagge it hiele as Dútsk beskôge gebiet mei geweld te ferienigjen. Troch de traumatyske ûnderfiningen mei Hitler-Dútsklân is nei 1945 in federalisearre steatsstruktuer ûntstien. Dêrtroch is Dútsklân hjoeddedei net sa'n fiergeande ienheidssteat as Nederlân.

De Republyk fan de Sân Feriene Nederlannen wie gjin ienheidssteat, mar in federaasje fan gewesten. It no yn Nederlân lizzende part fan it let-midsieuske Fryske gebiet (Fryslân en Grinslân/Stad en Lande) is as gefolch fan politike en militêre ûntjouwings yn de fyftjinde en sechtjinde ieu opdield yn twa gewesten. It eardere West-Fryslân (dat wol sizze: net de lytse krite mei dy namme tusken Alkmaar en Inkhuzen, mar it hiele kustgebiet tusken Fly en Maas) ferlear syn Fryske identiteit praktysk alhiel en foarme sûnt de midsieuwen in nije polityk-ekonomyske macht: Hollân. Allinnich oan de noardlike râne bleau it bewust wêzen fan in Frysk ferline oant hjoeddedei yn ferswakke foarm libben.

It eastlik fan de lems lizzende part fan it let-midsieuske Fryslân (East-Fryslân) wist syn selsstannigens ûnder it grevenhûs fan de Cirksena fierweiinne it langst te bewarjen. Yn 1464 waard East-Fryslân in Ryksgreefskip, yn de santjinde ieu in foarstendom. East-Fryslân wie doe lykwols gjin absolute monargy: ûnder ynfloed fan it troch de Emders rjochtsfilosoof Johannes Althusius (1557-1638) foarstiene sôvereiniteitsbegryp bestie der in lykwicht tusken de foarst, de frije boeren en de stêden. Doe't it foarstehûs yn 1744 útstoar kaam East-Fryslân by Prusen. It Eastfryske gebiet fierder nei de Weser ta rekke al ier ûnder de hartogen fan Aldenboarch.

De Noardfriezen op de westkust fan Sleeswyk-Holstein wisten yn de midsieuwen lang in selsstannige posysje mei in eigen lânryocht te bewarjen tsjinoer de Deenske kening, dy't formeel harren hear wie. Oan de ein fan de midsieuwen binne de Noardfriezen foar it grutste part ûnder Holstein rekke. In lyts part fan Noard-Fryslân kaam ûnder Denemarken. Yn tsjinstelling ta East-Fryslân, Grinslân en Fryslân hat Noard-Fryslân sûnt de midsieuwen gjin formeel selsbestjoer mear hân.

Hoewol't yn East-Fryslân de stêd Emden in skoftlang in tige wichtich hannelsplak wie, koe dizze stêd úteinlik net op tsjin de machtiger Hanzestêden Hamboarch en Bremen. De oerhearskjende posysje fan de Hanzestêden wie al yn de lette midsieuwen ûntstien. Yn Noard-Fryslân kaam net in echt stêdssintrum ta ûntwikkeling. Binnen it hiele let-midsieuske Fryslân lei eins mar ien stêd, dy't winliken in modernisearjende rol yn it Fryske libben spylje kind hie: Grins. Mar de aspiraasjes fan dizze stêd rûnen stomp op it ferset fan de lânadel yn benammen Westerlauwersk Fryslân.

1. De Republyk fan de Feriene Nederlannen

De Republyk fan de Sân Feriene Nederlannen wie in steat dêr't de reginten út de rike seeprovinsjes (benammen Hollân, mar ek Fryslân, Grinslân en Sieulân), de adel fan de lânprovinsjes (Utert, Gelderlân en Oerisel) en de steedhâlder de macht dielden. It koe in wif polityk systeem, dat yn lykwicht hâlden waard troch it partikularisme (de bestjoerlike selsstannigens) fan provinsjes en stêden. It koe sa lang stân hâlde troch de mei in sterke float beskerme posysje fan de Sân Provinsjes op de wrâldmerk.

In sintrale posysje naam yn dy Republyk de stêd Amsterdam yn. Yn de Republyk bestie, sa seit Violet Barbour, de hearskippij fan in stêd. It wie de lêste kear dat in stêd op eigen krêft in hannels- en jildympearium behearskje koe sûnder stipe fan in moderne ienheidssteat. De santjinde ieu wie ek de lêste ieu dat de Europeeske hannel him noch haadsaaklik yn Europa ôfspile. Amsterdam koe dêryn in sintrale rol spylje, trochdat de stêd de grutte Europeese ferkearsferbiningen behearske. Amsterdam hie ek de grutste ynfloed yn de Verenigde Oostindische Compagnie: mear as de helte fan it VOC-kapitaal wie Amsterdamsk. It Amsterdamske oandiel yn de Westindische Compagnie wie like grut. Konkurrinsje, ek binnen de Republyk, waard opkeard. In Frysk besykjen om ta de oprjochting fan in eigen kompanjy te kommen, waarden ferhindere. Fryslân stuts wol in grau bedrach oan jild yn de VOC, mar krige gjin inkelde foarm fan ynspraak. Dit belied soe yn de ieuwen dy't folgen in oanhâldende kapitaalsakkumulaasje yn Amsterdam feroarsaakje.

De delgong fan de Republyk sette yn yn de midden fan de achttjinde ieu. It tal earme minsken boaze sterk oan. De sosjale tsjinstellingen waarden grutter. De steatsgreep fan de nei De Haach roppen Fryske steedhâlder Willem IV late ta in sintralisasje fan de macht by de steedhâlder, mar der kaam gjin herfoarming ta stân. Benammen de foar de Republyk teloarstellende ôfrin fan de Fjirde Ingelske Oarloch (1780-1784) late ta in oplôgjen fan de skelen. Yn dy skelen besochten de reginten de selsstannigens fan de provinsjes te hanthavenjen, de boargerij easke lykwols de ienheid. Dat soe pas slagje yn de Frânske tiid.

De foarming fan de Nederlânske ienheidssteat ûnder de Frânske besetting wie yn it belang fan in tal groepen. Yn it foarste plak fan de yn de achttjinde ieu yn de stêden opkommende ûndernimmersklasse. Dizze woe ôfskaffing fan tollën en oare foarmen fan partikuliere belestingheffing, en gilderegleminten. Dizze ûndernimmersklasse seach dêrom yn de sintralisearre steatsfoarm foardielen. In unifoarm belestingsysteem en in goede ynfrastruktuer soenen de ôfset befoarderje en de kosten ferminderje.

Njonken de ûndernimmers krige yn rin fan de achttjinde ieu in oare boargerlike groepearring mear betsjutting: de yntellektuelen. Ek hja wennen haadsaaklik yn de stêden. Yntellektuelen hienen ek belang by in sterke sintrale oerheid, omdat hja dêr kânsen seagen op in beropsmjittich gebrûk fan harren kennis. Foar dizze groep like in groeiende steatsburokrasy in ynteressante arbeidsmerk. De yntellektuelen, dy't har lykwols kearden tsjin it absolutisme, wienen alhiel net tsjin oerheidsyngripen of sintralisasje fan bestjoer. Hja wienen foarstanners fan in effisjinte sintrale steat, as dy steat mar rekken hâlde woe mei harren belangen en winsken.

Omdat beide neamde groepen foaral yn Amsterdam sterk fertsjintwurdige wienen, wie de ienheidssteat benammen in Amsterdamsk belang. De skulden fan de Republyk fermearderen troch it weromrinnen fan de posysje fan Amsterdam yn it tiidrek 1775-1802 ûnbidich. Dêrtroch wie it benammen de hannelsklasse fan Amsterdam dy't de driuwende krêft waard yn it foarmjen fan de Nederlânske ienheidssteat. Ek yn Fryslân wienen in soad foarstanners fan in gruttere ienheid, mar dêr gyng de oantrún derta foaral út fan de yntellektuelen. It kommersjele belang, dat yn Hollân spile, spile yn Fryslân amper mei.

Posysje Fryslân en Grinslân

De hâlding fan Fryslân en ek Grinslân yn de Republyk hat nammentlik hieltyd dy west fan selsbewuste gewesten, dy't folweardich meldienen en meldwaan woenen yn it gruttere gehiel. De lojaliteit fan beide gewesten oan de Republyk hat altyd grut west; yn de oarloch tsjin Spanje, letter yn de striid tsjin Ingelân en Frankryk, mei de yndrukwekkende bydragen fan de Fryske float (fan Fryslân en Stêd en Ommelannen) ûnder Auke Stellingwerf en Tsjerk Hiddes, yn 1672, doe't de stêd Grins fanwege it moedich folhâlden tsjin 'Bommen Berend' troch Vondel priizge waard mei de wurden: „O, Groninghe, pilaar en hoofdstad der Vriezen“, en ek wer yn de oarloegen yn de achttjinde ieu.

Dy Fryske lojaliteit wurdt faaks it bêste ferwurde yn de útspraak fan de ambassadeur fan de Republyk yn Parys, de Fries Sikke fan Goslinga, yn 1713 tsjin Loadewyk de fjirtjinde. De Sinnekening frege him doe hoe't de Republyk dochs sa by steat west hie ta de geweldige kriichsferrjochtingen yn de doe krekt ôfrûne Spaanske Sûksesjeoarloch. It lytse gewest Fryslân ûnderhold jierrenlang in leger fan 100.000 man foar dy oarloch. Fan Goslinga sei doe: „Sire, mei Fryske trou en Hollânske dukaten komt men fier.“

Dy Fryske grutskens op de eigen soevereiniteit spile algeduerigen in rol. Yn de inkelde jierren foar de ein fan de Republyk útbrutsen Fjirde Ingelske Oarloch (1780-1784) bygelyks ek noch, doe't de Steaten fan Fryslân nei Frankryk as twadde sôvereine regear yn febrewaris 1782 de foarstap namen ta de erkenning fan de Feriene Steaten fan Noard-Amearika, twa moannen letter folge troch de Steaten-Generaal yn De Haach. It gewest Hollân hat al de tiid dat de Republyk bestie, oanstriid hân, de macht oan him te lûken. De Fryske lojaliteit bleau lykwols oan de ein ta bestean. Fryslân koe as gewest allinne ek net tsjin Hollân op. Mar der wienen hieltyd wer botsingen fan belangen en tsjinstridichheden, dy't allinnich net ta de ûndergong fan de Republyk laten omdat de gefaren fan bûten grutter liken.

Tusken 1780 en 1813 sakke it âlde hannels- en koloniale kapitalisme fan de Nederlannen yn elkoar. „Dan syn eksploitaasje fan de Europeeske folken kaam foargoed, oan dy fan Yndië tydlik in ein,“ skreau Henriette Roland Holst. Hja miende dat de Republyk yn de achttjinde ieu earst oanhelle wie mei ferfal, dêrnei mei stilstân, en dêrnei mei in „abnormaal-stadige, breklike ûntjouwing.“ De yn de Frânske tiid ynsettende sintralisasje wie in Frânsk en in Hollânsk belang. Frankryk dreau de ynwenners fan de Republyk yn de rjochting fan sintralisasje, om better belestingen heffe te kinnen yn de yn Frânske eagen noch hieltyd rike Nederlannen. It Hollânske belang wie it ferskaffen fan nije finansjele middels yn in tige earnstige krisissitewaasje, omdat de posysje fan Amsterdam as dê steapelmerk fan Europa ferlern gien wie.

2. Sintrale ekonomyske polityk

Troch de ôftwongen ienwurding fan Nederlân koe der yn de Frânske tiid foar it earst in sintrale ekonomyske polityk troch de steat fierd wurde. Dy ekonomyske polityk wie tige befoardieljend foar benammen Hollân. De belêstingherfoarmingen fan Gogel wienen basearre op it oplûken fan de belêstingen nei it heechste nivo, dat fan Hollân. De modernisearing fan de ekonomyske struktuer waard yn de Frânske tiid trochset mei de oanlis fan kanalen (ferbiningen tusken Maas en Ryn) en it oanwizen en oanlizzen fan rykswegen: Amsterdam-Utert-Gorkum-Antwerpen, Amsterdam-Haarlem, Rotterdam-Antwerpen, Amsterdam-Utert-Dimter-Münster en Amsterdam-De Helder. Op dizze grûnslaggen, sa seit Brugmans, koe Willem I nei dy tiid fuortbouwe. Fryslân en Grinslân kamen op dit mêd jierren efterop. De keamers fan keaphannel wiene ek in utering dêrfan. De Frânske steat sette yn 1810 de oprjochting fan sokke keamers troch yn Amsterdam, Dordrecht, Middelburch en Flossingen. Mei dizze maatregels waard yn de saneamde ienheidssteat in hiel iensidige befoardieling fan Hollân trochset, en begûn it nei efteren triuwen fan benammen it Noarden. Dêr kinne ideologyske motiven oan ta grûnslach lein hawwe. Dêrop komme wy yn haadstik 4 oer de kultuer werom.

De festiging fan de Nederlânske ienheidssteat wie in ûndemokratyske saak. Dy ienheidssteat waard yn maart 1814 gewoanwei proklamearre yn Amsterdam, sûnder dat der ek mar op de ien of de oare wize ynspraak tastien wie. Der wienen 600 „aanzienliken“ útnoege dy't achte waarden de hiele befolking te fertsjintwurdigjen. Debat waard net tastien. Der mocht allinnich foar of tsjinstimd wurde. De Nederlânske ienheidssteat waard njonken Hollân benammen droegen troch de hegerein yn Fryslân en Grinslân. De protestânske boargerij en de Maatschappij tot Nut van 't Algemeen wienen fûl tsjin regionalisme en like fûl foar de Nederlânske steat. It folk moast opfieden wurde ta steatsboargers. Fierwei de measte leden fan it Nut wennen yn Hollân, Fryslân en Grinslân. Dat falt te ferklearjen út it gevege, dat it benammen dy boargerij west hie, dy't belang hie by dy ienheid. Foar Fryslân en mooglik Grinslân komt dêr by, dat de nije kening Willem I kaam út de neiteam fan de Fryske Nassau's, dy't steedhâlder wienen yn Fryslân en Grinslân. It fuortgean fan de Nassau's

mei de oan it hof besibbe adel nei Hollân ta betsjutte foar Fryslân in kapitaalflecht en in strukturele finansjele ierlitting. Mei de feepesepidemy fan om 1750 hinne wie nammentlik in soad boerelân troch de adel opkocht. De hier dy't dat lân opbrocht, gyng fuort, foar it grutste part nei Hollân. It sil wol nea mear te besiferjen wêze, wat dit 'absinteïsme' Fryslân koste hat, mar it kin yn de hjoeddeistige koerswearden omrekkene, om miljarden gear.

Yn tsjinstelling ta de algemiene oanninge is de hjoeddeistige ekonomyske en kulturele dominânsje fan de Rânestêd Hollân dus net it gefoelich fan in natuerlike bloei en in natuerlike lizzing. De bloei fan Amsterdam yn de Republyk wie al net oan in geunstige lizzing te tankjen. De stêd wie op peallen boud, oars soe se weisakje en de haven lei fier fan see. By eastenwyn koe men hast net útfarre, en men moast gebrûk meitsje fan lichters fanwege de ûndjipten. Mar geunstich wie dat de stêd hiel goed te ferdigenjen wie. It Marsdijp en it Fly wienen reedlik feilige bûtenhavens dêr't de skippen har by elkoar foegje koenen. Boppedat wienen der oer kanalen en rivieren reedlike ferbindingen mei Dútsklân.

Dat by it ferskaffen fan in foarrangsposysje oan de grutte Hollânske stêden geweld somtiden net út de wei gien waard, docht bliken út de hurde repressy, dy't tapast waard by de oanlis fan it Noardhollânsk kanaal yn 1823. Dy oanlis wie bedoeld om de Amsterdamske haven wer út de bedelte te heljen. De oannimmers bekonkurrearren elkoar skerp en betellen dêrtroch skandlik lege leanen út. Dat late yn de maitiid fan 1823 ta ferset, dat mei ynset fan it leger delsein waard. De seis wichtichste oansetters ta de reboelje waarden ophongen.

Foarrangsbelied

It befoardieljen fan Hollân docht ek bliken út it preferinsjebelied oangeande de spoar- en wetterwegen. De oanlis fan spoarwegen waard troch it ryk oerlitten oan it partikulier ynisjatyf. De belutsenens fan it ryk waard beheind ta it ferlienen fan konsessy's. Dit betsjutte fansels winliken wol dat der in passyf foarrangsbelied fierd waard, want yn Hollân siet it measte jild. Pas nei't der al direkte ferbindingen bestienen oer it spoar tusken Amsterdam en Rotterdam besleat de ryksoerheid ek de oanlis fan spoarferbindingen nei it noarden te stimulearjen mei de Spoorwet Van Hall. Mar net neidat men de oanlis fan in spoarwei fan Harns oer Ljouwert en Grins nei East-Fryslân en Bremen ta jierrenlang tsjinhâlden hie.

Mei de wetterwegen, dy't de ryksoerheid doe folle belangriker fûn, gyng it net oars. Ek dat hâlde it foarlûken fan Hollân yn. Dêr naam it ryk de foarstap om Amsterdam en Rotterdam te foarsjen fan goede ferbindingen mei see. Van der Werf seit: „Lykas dit jilde foar it spoarweinet, docht bliken dat it omtinken ek by de wetterwegen yn it foarste plak útgong nei de ynfastruktuer yn it westen fan it lân en de ferbining mei it Dútske efterlân.“ It oanlizzen fan kanalen en ferbetteringen bûten Hollân, liket him neffens Van der Werf „yn earste ynstânsje te beheinen ta de ferbettering fan de pleatslike ynfastruktuer.“ Pas yn it begjin fan de tweintichste ieu, tusken 1923 en 1936, waarden it suden en easten fan Nederlân oansletten op it grutte binnenfeartnet. Yn it Noarden bestienen by âlds in soad pleatslike farwegen, mar de echte modernisearring folge pas yn 1951, mei de iepenstelling fan it Van Harinxma- en Prinses Margrietkanaal. Dat wie 130 jier nei de oanlis fan it Noardhollânsk Kanaal en 75 jier nei it Noardseekanaal.

It foarmjen fan de Nederlânske ienheidssteat hat, folle mear as der tocht wurdt, in stjoerd proses west. It wie in proses dat troch de machtichste groep, nammentlik dy fan de ûndernimmers en de aristokrazy fan Hollân, dirigearre waard yn it eigen foardiel. De stjoering gyng út fan it machtige ministearje fan ynlânske saken yn De Haach. De Haachske amtnarij op it ministearje waard yn de hiele njoggentjinde ieu foarme troch oerwaagjend Hagenaars en minsken út Hollân. Men hie dêr allinnich tagong as men de goede kontakten hie. Van IJsselmuiden wiist derop, dat yn de twadde helte fan de njoggentjinde en it begjin fan de tweintichste ieu 42% fan alle ryksamtners út De Haach en sels 70% fan alle amtners út Hollân kaam. Mei in op dizze wize gearstald burokratysk apparaat moast hast automatysk in belied ûntstean, dat benammen Hollân tige befoardiele.

3. East-Fryslân

East-Fryslân waard yn 1744 sûnder ynspraak fan de befolking oan Prusen taheakke. Trochdat oan de iene kant de posysje fan Emden nei 1650 weromfallen wie nei dy fan in regionaal fersoargjend sintrum koe de stêd him net ûntjaan ta in sintrum fan hannel en yndustry. De greven van East-Fryslân wienen dêrtsjinoer te swak om yn de achttjinde ieu oansluting te finen by in algemiene ûntjouwing yn Europa nammentlik nei it troch de steat befoarderjen fan yndustry en hannel (mercantilisme). De boerestân, dy't yn East-Fryslân wichtich wie, fersette him dêrtsjin. Doe't de Prusen baas waarden, krige East-Fryslân in sintralistysk bewâld. De posysje fan de gilden, dy't elke moderne ekonomyske ûntjouwing opkearden, waard efterûtkrongen. Dêrtroch wie in begjin fan in nije ûntjouwing mooglik.

Yn de Frânske tiid wie East-Fryslân inkelde jierren lang by it Keninkryk Hollân yndield. Dat feroare lykwols al wer gau. Yn 1813 kaam East-Fryslân by it Keninkryk Hannover, dat de âlde rjochten fan de stannen wer ynfierde. It regear fan it keninkryk sloat hiel krekt oan by de besteande mooglikheden. Dêrtroch kaam ek gjin stipe mear foar ferbettering fan de bedriuwstruktuur, útsein foar agraryske produksje, de fiskerij en de feanterij. Dat betsjutte winliken, dat de âlde ekonomyske struktueren fuortsterke waarden en der gjin nije ûntjouwing nei yndustrialisaasje plakfûn. De ridlik betide oanlis fan in spoarferbining tusken Westfalen en Emden yn 1855 tsjinne ek mear de ûntwikkeling fan it Roergebiet as dy fan East-Fryslân.

Doe't East-Fryslân yn 1866 lykwols wer by Prusen kaam, waarden de âlde beheiningen wer opheven, mar troch it noch frij lang útbluven fan ynfastrukturele ferbetterings (de kanaalisearring fan de Iems en it graven fan in kanaal fan dizze rivier nei it Roergebiet kaam pas oan de ein fan de ieu ta stân) wie it al te let om noch in yndustrialisaasjepolityk troch te fieren, dy't in kâns makke. De yndustry dy't der wie, ferlear de slach tsjin de monopoaljes, dy't doe al earne oars ûntstien wienen. It funksjeferlies dat East-Fryslân yn de njoggentjinde ieu neffens Franziska Wiethold trochmakke, feroarsake in fierdere periferisearring. De ekonomyske ûntjouwing fûn allinnich plak yn de yndustriële sintra fan Dútsklân. East-Fryslân waard in emigraasjelân. Mei de oanlis fan Wilhelmshaven yn it easten kamen wol oansetten ta stân foar in yndustriële ûntjouwing. Mar omdat it haaddoel militêr wie (it oanlizzen fan in oarlochshaven) droech ek dit net wêzentlik by oan in ferbettering fan de ynfastruktuur fan hiel East-Fryslân.

Yn de rin fan de jierren hawwe ûnderskate bestjoerlike wizigingen plakfûn. It gefolch dêrfan hat west dat de resten fan autonomy, dy't East-Fryslân ûnder Dútsk bewâld noch hanthavenje kinnen hie, ferdwûn binne. De krite East-Fryslân as bestjoerlike ienheid ferdwûn yn de jierren sechstich. Yn de midden fan de jierren santich is it bestjoersgebiet Auerk, dêr't East-Fryslân yn ûnderbrocht wie, gearfoege mei Osnabrûck en Alkenboarch ta de regio Wezer-Iems. De Landschaft yn Auerk, ienris it parlemint fan it greefskip East-Fryslân, hat hjoeddedei allinnich noch in kulturele funksje.

Yn East-Fryslân is de befolking sûnt de Dútske ienwurding fan om 1870 hinne bleatsteld oan in tige yngripend troch de sintrale steat stjoerd proses fan ferdútsking, dat mei help fan in tige Dútsksinnich amtlik apparaat trochset waard.

4. Noard-Fryslân

De ûntjouwing yn Noard-Fryslân kin net los sjoen wurde fan de ûntjouwingen yn Sleeswyk-Holstein, it omstriden grinsgebiet tusken Dútsklân en Denemarken. Noard-Fryslân hearde by âlds ûnder de Deenske ynfloedssfear. De Dútske ryksgrins yn it noarden rûn oant 1867 ta by de Eider del, de súdlike grinsrivier fan Noard-Fryslân. Nei de Dútsk-Deenske oarloch fan 1864 kaam net allinnich Noard-Fryslân, mar ek hiel Sleeswyk by Prusen. Nei de Earste Wrâldoarloch soe it noardlike part fan Sleeswyk weromkomme by Denemarken.

De yndustriële ûntjouwing kaam yn Sleeswyk-Holstein, in ferliking mei Denemarken en Dútsklân, frij let op gong. Der wienen gjin natuerlike grûnstoffen yn it gebiet, alteast net ferlykber mei bygelyks it Roergebiet mei syn stienkoal. De ûntjouwing fan de ferkearsynfrastruktuer wie net geunstich foar Noard-Fryslân. De wichtige spoarlinen kamen yn it easten fan Sleeswyk-Holstein te rinnen, fan Hamboarch út nei stêden as Lübeck, Kiel en Flensboarch.

De skipfeartferbining fan East- nei Noardsee rûn sûnt de achttjinde ieu oer de Eider en it Sleeswyk-Holsteinkanaal. Dizze bochtige wetterwei fan Kiel oer Rendsburg nei de Eider wie geunstich foar de Noardfryske havenstêd Tönning. Ek oare Noardfryske plakken yn de omkriten profitearren hjirfan. Nei de Dútske ienwurding waard yn de jierren 1887-1895 in nij kanaal groeven nei de Elbe, dat de farwei nei Noard-Fryslân oerstallich makke, en dat de eardere bloei ferminderje liet. Tönning en ek Husum krigen betiid in oansluting op it spoarweinet (1854 mei Flensboarch) mar dat betsjutte net oer alle boegen in foardiel. Omdat de beide plakken oan de ein fan de ferbining leinen, krige de perifere lizzing noch mear de klam. De yndustrialisearring kaam yn dizze kontreien op gong yn dy plakken, dêr't hannelskapitaal beskikber wie, lykas yn Hamboarch, Altona, Kiel en Flensboarch, en dêr't it spoar in gaadlike ferbining oer en wer waard. De oansluting fan de rest fan Noard-Fryslân kaam te let om dêr noch in gaadlike útwurking te hawwen.

It efteropreitsjen fan Noard-Fryslân is dêrom sûnder twivel fuortsterke trochdat de krite yn in úthoeke fan Dútsklân leit. Yn de ôfrûne ieu is yn de wurden fan Reimer Kay Holander al tefolle út Noard-Fryslân fuortkonsintrearre en fuortrasjonalisearre. Dêrtsjinoer hat der krekt lykas yn East-Fryslân in tige yntinsyf ferdútskingsproses plakfûn mei alle middels, dy't de Dútske ienheidssteat dêrfoar beskikber hie.

5. Nei 1945

Nei 1945 is der yn Dútsklân en Nederlân in feroaring kommen yn it belied nei de efterbleaune regio's ta. It regionaal belied fan nei de Twadde Wrâldoarloch is winliken it iennichste besykjen om it langduorjende planologyske belied fan konsintraasje en befoardieling fan it westen fan Nederlân en de konsintraasjegebieten fan Dútsklân wat by te stellen. Mar dy goedbedoelde polityk waard fuortendalik de poaten wer ûnder weislein, troch in planologysk belied dat op de âlde wei tochgyng.

Der is hast neat, dêr't de efterlizzende planologyske tinkbylden oer de ûntwikkeling fan steaten en regio's better út ôf te lêzen binne as oan de ferkearsynfrastruktuer. In goede ferkearsynfrastruktuer is in earste betingst foar in goede ekonomyske ûntjouwing. No is it fanút it eachweid fan in sintralistyske steat ferklearber, dat earst dy ferkearsferbiningen modernisearre wurde dy't net foar it goed funksjonearjen fan de regio, mar foar it sintrum fan dy steat it measte foardiel opsmite. Dêrom hat de Nederlânske steat it ferbetterjen fan de ferkearsynfrastruktuer fan Hollân en de ferbiningen dêrwei nei it súdeasten en suden foarop steld. De Dútske steat die dat allyksa mei in ynfrastruktuer, dy't de konsintraasjegebieten mei elkoar en mei it bûtenlân ferbûn. De Fryske gebieten kamen yn dat belied net foar. It fjouwerbaanswegennet fan sawol Nederlân as Dútsklân wjerspegelet oant hjoeddedei ta dit belied.

Wat Nederlân oanbelanget: súdlik fan de line Alkmaar-Swol-Ynskedee bestiet al inkelde tsientallen jierren in goed strukturarre snelwegennet, dat logysk en floeiend oanslút op it bûtenlân. It Noarden hat noch hieltyd net in soad fan dy wegen, en dat hoecht ek net, mar it grutte beswier is wol, dat se iensidich rjochte binne op West- en Midden-Nederlân. Troch dit soarte planology hawwe de bedriuwen in perspektyf ûntwikkele, dat Utert, yn it sintrum fan Nederlân, ta referinsjepunt makket. Hja wolle dêr sitte, „dêr't it bart,“ sa skriuwt De Rijk, „en it bart no iennis net yn it Noarden. Dêr feroaret ek in imago-kampanje neat oan.“ De sitewaasje yn Noard-Dútsklân is in evenbyld hjirfan. De snelwegen yn East-Fryslân en Noard-Fryslân wurkje in oriëntearing op de Dútske konsintraasjegebieten sterk yn de hân.

Provinsjale ûndersikers hawwe yn 1986 fêststeld, dat in ferdûbeling fan de wei Ljouwert-Drachten liede soe ta in produksjeferheging fan ien persint. Dat is yn de noardlike ferhâldingen tige de muoite wurdich. Foar Fryslân en Grinslân hearre langer net de ferbiningen mei de Rânestêd de earste prioriteit te hawwen, want dy ferbiningen binne der al, mar in fjouwerstrookswei dy't oanslút op de Autobahn yn East-Fryslân. It hat gâns fuotten yn de grûn hân foardat dy ferbining ein 1994 yn gebrûk nommen wurde koe. It hat foaral oan de ynspannings fan it bedriuwslibben yn Grinslân te tankjen west, dat dy snelwei der kommen is. Fan De Haach of Bonn is it ynisyatyf net kommen. Itselde kin sein wurde oer in takomstige elektrifisearre dûbelde spoarweiferbining fan Noard-Hollân oer Harns, Ljouwert en Grins mei Aldenboarch en Bremen. De fakbûnsman Zanen kritisearre yn 1986 yn dit ferbân it sjauvinisme fan De Haach en Bonn, dat just fanwege it befoardielen fan de dochs al sterke konsintraasjegebieten yn Hollân, it Roergebiet, Hannover en Hamboarch in ferbettering fan de ynfastruktuer yn Noard-Nederlân en Noardwest-Dútsklân tsjingeane soe.



Figuer 2: It wiist net botte goed mei de planology, as it om Fryslân, it Noarden, East-Fryslân en Noard-Fryslân giet. De autosnelwegen wienen der lang net, wylst se yn oare krite der al lang wienen, en doe't se oanlein waarden, barde dat ûnfolslein of rûnen se dea. Soks wurket fansels in evenredige bloei fan de ekonomy net yn de hân.

It meiwurkjen fan steatswege oan ditsoarte ynfastrukturele ferbetteringen leit net yn de reden. De Nederlânske steat hat nammentlik hiel wat oars yn gedachten. Neffens de Fjirde Nota romtlike oardering binne der yn it Noarden „goede perspektiven foar ekstinsive foarmen fan oan de grûn ferbûne lânbou en foar in ferbrede plattelânsûntjouwing.“ Foar ekonomyske ûntjouwingen is gjin plak mear, „sawol fanút de stêdlike ûntwikkeling as fanút de ûntwikkeling fan de lanlike funksjes.“ Der moatte neffens De Haach yn it Noarden nije ûntjouwings komme „op it mêd fan toerisme en rekreaasje en yn ferbân dêrmei ek natoer- en boskûntwikkeling.“ Boppedat moat der romte komme foar „lokale sintra fan yntinsive lânbou.“ Soks jildt dan foar it belied foar de kommende fearnsieu. Mar ek dêrmei sil der gjin oar belied fierd wurde, is ús al oansein.

Ferneatiging sosjaal-ekonomyske struktuer fan it Noarden

Wat de takomstige ynfastruktuer oangiet, stiet it Noarden ûnderoan. „It Noarden bliuwt lykwols wiswiel oant 2025 bûten skot,” sa liet it blêd ROM yn 1987 al witte. Yn datselde blêd waard ek de „te ferwachtsjen ûntjouwingen binnen de telekommunikaasje” sketst. „Advisearre wurdt dizze ynfastruktuer earst yn de Rânestêd ta ûntwikkeling te bringen en dêrnei yn súdeastlike rjochting en yn ûnderskate regio's op te bouwen. Fan in yntegraasje fan telekommunikaasje foarsjennings op lanlike skaal is dêrom ynearsten gjin sprake. De perifear lizzende regio's hoege yn dizze fizearsten net op dizze ynnovearjende ynfastruktuer te rekkenjen.” Mar dit betsjut dat it Noarden fannijs opsetlik op in efterstânposysje setten wurdt. Soks sil mooglik liede kinne ta it ferneatigjen fan de sosjaal-ekonomyske struktuer, dy't der noch oer is.

Efterôf besjoen liket dat it regionaal belied dêr úteinlik op út west hat. Metze en Verhagen merke dêroer op: „It ryk hat de ôfrûne tsien jier sawat fjouwer miljard gûne oan stipe yn it Noarden stoppe. Keam fan it regionale belied foarme it Yntegraal Struktuer Plan. Troch it YSP-jild hat dit gebiet in wiidweidige skientmebehandeling ûndergien, dêr't smoarge plakjes by fuortwurke binne, lânbougrûnen ferkavele, wegen oanlein, skoallen en doarpshuzen boud, farwegen ferbettere en in soad oare karweikes by útfierd. De YSP-masjine hat praktysk gjin plak yn it Noarden ûnberuorre litten en wa't der rûnreizget kin mei eigen eagen fêststelle dat benammen yn de kritei mei de heechste wurkleazens de doarpen, wegen en lannen der tige skoander by lizze.”



Figuer 3: Wy binne yn Fryslân en Grinslân ek net fan betsjutting yn it tinken fan guon(?) Haachske planologen. Neffens it senario, dat inkelde jierren lyn publisearre is op in útstalling op Lauwerseach, koenen Ljouwert en Grins wol yn see ferdwine.

It begjint der hieltyd mear op te lykjen as tinkt de polityk yn De Haach lykas De Swaan it yn neifolging fan inkelde Ingelske auteurs formulearret: „Besjoen op de skaal fan Grut Londen of Parys kin sawat hiel Nederlân, allinnich Limboarch, Grinslân en Twinte net meirekkene, beskôge wurde as ien inkelde stêdsgewest, mei de regionale groeikearnen as oerrinstêden yn it stêdlik rânegebiet en de restearjende bûtengewesten, lykas de Fryske marren, Drinte en de Feluwe, Súd-Limboarch en de Brabânske heide as in grutte griene gurdle mei haadsaaklik rekreative funksjes.” It yn de takomst praktysk allinnich noch út bosken en marren besteande Noarden as rekreative boarterstún fan de Rânestêdtsjer, dy't dêrby gjin Friezen, Grinzers of Drinten mear tsjinkomme sil. Harren neiteam wennet dan nammentlik ek yn de Rânestêd en is dan mentaal, kultureel en psychologysk Rânestêdtsjer wurden.

Gefaarlike kant

Guon Haachske tinkbylden lykje wat dat oanbelanget foar Fryslân en Grinslân somtiden in gefaarlike kant op te gean. Der sirkularret yn elts gefal by Rykswekkersteat in skets, dat hiel Fryslân, Grinslân en Noard-Hollân benoarden it Y ûnder wetter ferdwine sille, as de seespegel te heech komme soe. It folle djipper ûnder NAP lizzende sintrale Hollân bliuwt bestean; dêr komme hegere diken omhinne. Dit senario grypt werom op in berekking fan it ekonomysk belang fan gebiet dat oerstreamme kin, lykas dy oanjûn stiet yn de Tredde Noata Wetterhûshâlding. West-Fryslân, Fryslân, de eilannen en eastlik Grinslân hearre yn dizze berekking ta de gebieten dy't ekonomysk it minste wurdich binne en dy't wol opjûn wurde kinne. Dat Rykswekkersteat mei yngong fan 1990 in belied fiert, dat de kustline fan Nederlân hanthavenet op de stân fan dat jier, seit neat oer de folgjende ieu. Belied kin altyd wer bysteld wurde. It krekt sketste tinken hat syn parallel yn it militêre belied. Dêr liket it der ek op, dat it Noarden yn krisissitewaasjes oan syn lot oerlitten wurdt. It Noarden hoechde neffens de militêre strategen yn maaie 1940 ek net ferdigene te wurden, en is dat ek yn de werklikheid net. De Fryske kommissaris Van Harinxma besocht dêr noch wat oan te dwaan mei plannen foar in Fryske wetterlynje, wylst Ljouwerter bedriuwen sels in stik ôfwargeskut bekostigen.

Inselde tendins liket yn Dútsklân te wurkjen. De Fryske gebieten dêr lykje krektlyk as yn Nederlân in takomst tatocht te wurden fan rekreaasjekrite foar de minsken út de stêdlike konsintraasjes en foar de rest as natuergebiet. It Plan foar de Romtlike Oardering fan 1978 fan Sleeswyk-Holstein skriuwt foar Noard-Fryslân it hanthavenjen fan de lanlike struktuer en tanimmen fan rekreaasje en benammen it twadde wentebesit foar. Grutte dielen fan it Eastfryske en Noardfryske gebiet binne bestimpele ta nasjonaalpark. Benammen yn Noard-Fryslân bestiet it gefoel, dat it CDU-regear fan Barschel yn 1986 de nasjonaalparkregeling oan de Noardfryske befolking optwongen hat as in klassike demonstraasje fan macht, sûnder dyselde befolking der ek mar op de ien of oare wize yn te kennen. It liket in soad op it belied lykas dat yn Nederlân plakfynt: minsken dy't fierôf wenje en net in soad wite fan it Waad, beslute deroer. Der sille net in soad Friezen wêze, dy't tsjin beskerming fan it Waad binne, mar de wize lykas dat bart, jout in soad minsken it gefoel: oer ús en sûnder ús. Dat lêste soe hast it sintrale tema fan dit rapport wêze kinne.

6. Konklúzje

It ekonomysk efterbliuwen fan de Fryslannen hat in soad te krijen mei it dominante agraryske karakter fan dizze gebieten. Der hat net in ûntjouwing nei yndustry plakfûn. Dêrtroch koe net foldwaande wurkgelegenheid skepen wurde foar de eigen befolking. Dat hie fan gefolgen dat grutte dielen fan de befolking fuortlutsen. De oarsaak fan it net op gong kommen fan yndustrialisaasje lei foaral yn it ûntbrekken fan in eigen politike macht. Doe't de yndustrialisearring opkaam yn Dútsklân en dêrnei yn Nederlân barde dat op plakken dêr't yn de foargeande tiid benammen troch politike en ekonomysk geunstige omstannichheden in gaadlik klimaat skepen wie. Yn de Fryslannen ûntbruts in sintraal bewâld, dat foar dizze gebieten sa'n polityk mooglik meitsje kind hie. Fan gefolgen leinen de Fryslannen iepen en bleat foar in sûnt 1800 ynsettende periferisearring.

Literatuer:

- BLÄSING, JOACHIM F.E.: Das goldene Delta und sein eisernes Hinterland 1815-1851. Von niederländisch-preussischen zu deutsch-niederländischen Wirtschaftsbeziehungen. Leiden 1973.
- DERDE NOTA waterhuishouding: Water voor nu en later. De Haach 1989.
- DIJK, HENK VAN: De modernisering van Europa. Twee eeuwen maatschappijgeschiedenis. Utert 1994.
- GELINK, ROB en ROLAND VAN DER GIESSEN: Rijzend water dalend land. Lesprogramma bij thema expositie. Lauwerseach 1988.
- HOLANDER, REIMER KAY: Nordfriesland im Landesraumordnungsplan. Nordfriesland 1978 en 1979.
- IJSSELMUIDEN, P.G. VAN: Binnenlandse Zaken en het ontstaan van de moderne bureaucratie in Nederland 1813-1940. Kampen 1988.
- KAMPHUIS, H.W., P.L. DAUVELLIER, J. GROEN, H.C. JACOBS en G.J. WIJCHERS: Platteland op weg naar 2015. Achtergronden van de koersbepaling landelijke gebieden in de Vierde Nota Extra. De Haach 1990.
- KNIPPENBERG, HANS en BEN DE PATER: De eenwording van Nederland. Nimwegen 1988.
- KRAMER, H., B. ROELOFS en T. WAGEMANS: Internationale metropool versus 'provincie'? Eenzijdige aandacht voor Randstad dreigt regionale mogelijkheden te miskennen. ROM, magazine over ruimtelijke ordening en milieubeheer, maai 1987.
- METZE, MARCEL en FRANS VERHAGEN: Het Noorden. Intermediair, 1 december 1989. Metze/Verhagen 1989.
- NIEUWLAND, P., A. PIETERSMA en O. KUIPERS: Inventaris van de archieven van de gewestelijke bestuursinstellingen in Friesland 1795-1813 (1815). Ljouwert 1988.
- NN: Nieuwe expositie Expozee Lauwersoog: Over twee eeuwen eilanden weg en dijk om Nederland. Leeuwarder Courant 29 maart 1988.
- ROLAND HOLST-VAN DER SCHALK, H.: Kapitaal en arbeid in Nederland. Bijdrage tot de economische geschiedenis der 19de eeuw. Amsterdam g.j.
- VROOLAND, VINCENT, en JEROEN SPRENGER: „Dit zijn mijn beren!“ Een studie over de arbeidsverhoudingen tijdens de aanleg van het Noordhollands kanaal. Amsterdam 1976.

III SEFT SLOMJENDE WINGEWESTEN

De ekonomyske yntegraasje fan net lyksoartige regio's leveret net automatysk ekonomyske foardielen foar eltse regio op. Dizze stelling fan de Sweedske ekonoom Gunnar Myrdal soe eins boppe it buro fan eltse foarstanner fan grutte steatsferbannen of gearfoegjen fan in soad provinsjes ta grutte regio's hingje moatte, of fan dyjingen, dy't fine dat it Noarden him blynlings konformearje moat oan de ekonomyske polityk en it belied fan Nederlân, omdat soks automatysk ek foardielen foar it Noarden opleverje soe.

Der kinne har ommers kumulative prosessen foardwaan sawol yn opgeande as delgeande rjochting, ôfhinklik fan de begjinsitewaasje. Sa kinne der sintrale en perifere regio's ûntstean, wêrby't de sintrale regio's sawol arbeid as kapitaal út guon regio's oan de râne weisûgje kinne. Soms kinne omlizzende regio's profitearje fan ûntjouwingen yn it sintrum, mar fierderôf lizzende regio's dogge dat hast nea. Se bliuwe algeduerigen yn in efterstânposysje.

Der sit yn it westen fan Nederlân en yn de konsintraasjegebieten fan Dútsklân in soad jild, mar it is net automatysk sa dat sa'n ekonomyske en finansjele potinsje ek yn evenredige mjitte te goede komt oan de gebieten yn it noarden fan beide steaten. Yn Nederlân wurdt faak sein: As it yn de Rânestêd reint, dript it yn it Noarden. Dat byld jout, omdat it in byldzjende manier fan sizzen is, dat it noarden fan Nederlân en Dútsklân totaal ôfhinklik binne fan de konjunktuer yn de konsintraasjegebieten fan beide steaten, in ideologyske ynkleuring fan de saak. Neffens it ideaalmodel soe de steat, troch syn belêstingheffing soargje foar in lykwaardige ferdieling fan de middels. Soks docht net bliken út de sifers. Neffens Stoffelsma komt yn elts gefal Fryslân, as der in totaalplaatsje makke wurdt fan de aktuele jildstreamen tusken regio en sintrale oerheid, nochal oan de krapperein.

1. Hollân ta swiertepunt makke

Neffens Joh. de Vries bestiet der in histoarysk ferbân tusken it westlik (Hollânsk) swiertepunt yn Nederlân en de ferbûnenens fan dat swiertepunt mei de wrâldekonomy. As Hollân fan de wrâldekonomy ôfsletten wurdt (lykas yn de Frânske en Dútske tiid) nimt de ekonomyske betsjutting fan de perifery relatyf en absolút ta.

By de ekonomyske ûntjouwingen yn it begjin fan de njoggentjinde ieu konsintrearre de soarch fan it ryk him foaral op it wer ta stân bringen fan de oansluting fan Hollân op de wrâldekonomy. Dat wie net sa'n maklike saak, en boppedat smieten de Belgen mei de ôfskieding fan Nederlân dwerse kneppels. Yn de (noardlike) perifery bleau de romte dy't der yn de Frânske tiid ekonomysk bestie, noch in skofflang bestean en hearske dêr, benammen yn Grinslân, in wichtige ekonomyske dynamyk.

Fryslân en Grinslân wienen yn de foarste helte fan de njoggentjinde ieu provinsjes mei in rike boerestân en frijwat lytse yndustry. Sa wie Grinslân oant 1860 it Nederlânske sintrum fan skipsbou en sylfeart. Der waarden mear skippen boud as yn alle oare provinsjes byelkoar. De omslach kaam yn 1857. De Grinslâner sylfeart ferlear de slach, sa seit Brugmans, omdat oerskeakeling op de stoomfeart net mooglik wie troch it ûntbrekken fan kapitaal. Skipshypoteekbanken kamen der pas yn 1900. Dat kapitaal wie der wol yn Amsterdam, en dêrtroch koe de yn 1856 oprjochte Koninklike Nederlandsche Stoomboot Maatschappij in grutte bloei ynsette, dy't de foarsprong fan Hollân wer grutter makke. It ryk naam yn 1882 de eksploitaasje oer fan it yn 1876 iepene Noardseekanaal, en dêrmei rekke de gong der foargoed yn. Neffens Van der Werf wie it benammen de ynfrastrukturele fernijing yn Amsterdam en Rotterdam en dêrtroch it fannijs ûntstean fan in foarrangposysje yn de oansluting op de wrâldferkearsynfrastruktuer, dy't de efterstân fan Fryslân, Grinslân en Drinte al yn de lêste fearnsieu foar 1900 ta in feit makke. En dy ynfrastrukturele fernijings wienen foar in grut part in saak fan steatssoarch.

Mei oare wurden: de periferisearring fan it Noarden is troch de Nederlânske steat feroarsake.

Sosjale ellinde

Benammen de agraryske krisis dy't yn 1880 ynsette, hie yn it Noarden ferwoastende gefolgen. De tastân fan de arbeidersklasse wie de hiele foarige ieu net florissant, mar oan de ein fan de ieu ûntstiene der tastannen fan grutte sosjale ellinde. Dy ellinde wie it grutst yn de trije noardlike provinsjes en yn de grutte stêden yn Hollân. Mar yn it Noarden laten se, trochdat de krisis ek foarhinne wolfarrende groepen gisele, ta in folle gruttere maatskiplike ferearming as yn de Hollânske stêden, dêr't in kapitaalkrêftige hegerein wenne.

Hoe't it der foarstie, lit him aardich yllustrearje oan de hân fan de gegevens fan de folkstelling fan 1899. Yn hiel Nederlân wenne doe yn trochsneed 23% fan de befolking yn in ienkeamerwente. Dy persintaazjes wienen foar Fryslân 48, Grinslân 58, Drinte 62, Amsterdam 38, Rotterdam 58 en De Haach 35. De sosjale need waard yn Fryslân ek, mear as yn Grinslân, feroarsake troch it útwenjend grûnbesit. Een groot deel van de opbringsten fan de pacht yn Fryslân wienen doe al in protte desennia lang foar in grut part nei oare dielen fan Nederlân, benammen yn it westen en de midden, gien. Der bestiene lang gjin berekkeningen fan. Yn it resinte proefskrift fan Maili Blauw wurdt lykwols oannimlik makke, dat der tanksij it 'útwenjend grûnbesit' sûnt de midden fan de foarige ieu 3 oant 3,5 miljoen gûne yn it jier oan pachtjild út Fryslân weisûchd is. Omdat de gûne sûnt dy tiid mei in faktor 30 yn wearde fermindere is, komt dat, yn de hjoeddeistige jildwearde omrekkene, del op om ende by 100 miljoen gûne yn it jier. Dat betsjut in miljardenferlies oan jild dat wol yn Fryslân fertsjinne waard, mar hjir net ynvestearre is. Boppedat koenen de útwenjende grûnbesitters troch de gemeenten net oanslein wurde yn de belestingen, wylst, benammen oan de ein fan de foarige ieu, in grut tal Fryske gemeenten hieltyd mear oanfragen om bystân fan wurkleazen krige te ferwurkjen. It wienen de jierren fan it earne mar frije Fryslân, lykas sosjalisten út Amsterdam seinen, de tragyske feanstakingen en stakingen fan boerearbeiders, lykas op it Bilt, dy't kear op kear troch yntimidaasje mei oerheidsgewelt ta in ein brocht waarden.

Tusken 1918 en 1940 hat der ien sektor west yn it Noarden mei in grutte oerheidsbemoedienis: de lânûntginning yn de fean- en heidekrite. Tsjientûzenen bunders wyldlân binne ta kultuergrûn makke. Dat mei objektyf in ferbettering lykje, soasjaal wie it dat net. Tsjientûzenen arbeiders moasten foar in lean, dat tsjin de earneútkearing oan lei, lange dagen bealgje yn waar en wyn. Der waarden boppedat ferskillende tariven hantearre. Benammen dy yn Fryslân leinen hiel leech. Yn Amsterdam waard foar wurkferskaffingsarbeiders in wyklean foarsteld fan f31,50, mar yn Fryske wurkferskaffingen waarden folle leger leanen betelle; yn Beets om ien foarbyld te neamen, noch gjin sân gûne. It regear fielde neat foar it oplûken fan de Fryske tariven, omdat soks „de pleatslike leanstandert bedjerre soe.“ De oplossing dy't de minister yn dit ferbân foarstelde wie neffens De Rooy yn de rjochting fan de bewustere Amsterdamske arbeiders de „ûndúdlike tasizzing, dat de tariven mei wat linigens tapast wurde soenen.“

Der kaam goede kultuergrûn foar it wyldlân yn it plak, mar dat wie allinnich mar geunstich foar in lyts part fan de boerestân. It oantal lytse boeren waard sterk fergrutte. Yn in typyske fean- en sângemeente as Opsterlân bygelyks waard yn 1927 oer de lytse boeren sein, dat harren middels fan bestean „net genôch binne om nettsjinsteande hurd bodzjen in meager stikje brea te fertsjinjen.“ It is ek net tafallich, dat de strieminne omstannichheden yn de noardlike wurkferskaffingen kear op kear laten ta skerp ferset. Yn 1925 bruts der yn Súdeast-Fryslân de grutste stakingsbeweging yn de skiednis fan it Noarden út dy't oersloech nei Grinslân en Drinte, en dy't op it hichtepunt 20.000 arbeiders omfieme. It ferset koe allinnich brutsen wurden mei massale ynset fan it leger. It bleau jierrenlang dêrnei noch ûnrêstich. Yn 1932 staakten fannijs mear as 2000 wurkferskaffingsarbeiders yn Westerwâlde yn Grinslân.

Hokker arrogant tinken hjirefter stuts, lit him bygelyks yllustrearje oan de hân fan it ferhaal fan de net minder as dramatysk te neamen ûntfolking fan Fryslân yn dyselde tiid. Yn 1951 en 1952 leverde Fryslân mei 4,5% fan de Nederlânske befolking 7% fan de emigranten. Fan 1947 oant 1960 emigrearren der út Fryslân sawat 19.000 minsken, haadsaaklik nei Kanada, Australië, Nij Sêlân en de Feriene Steaten. Der wie yn Fryslân te min wurk en ek de sosjale tastannen wienen min. Fryslân stie yn 1956 op iensume hichte wat it oantal húshâldens mei ûnfoldwaande romte om te sliepen en it persintaazje ien- en twakeamerwenten oanbelanget. Nei Fryslân folgen, hoe koe it ek oars, fansels Grinslân en Drinte. Wybenga konkludearre yn dy jierren wat berêstend: „Hurd arbeidzje en sober libje sil dus foar en nei it foarlân wêze fan dyjingen, dy't noch yn Fryslân bliuwe.“

Regionaal belied

Nettsjinsteande de oarspronklike beswieren skode it belied hieltyd dúdliker yn de rjochting fan regionale yndustrialisaasje. Dat hie (De Smidt en Wever) lykwols benammen te krijen mei de problemen yn Hollân sels. „It regear seach himsels konfrontearre mei in 'westen des lands' dat bliken die oer grutte groeipotinsjes te beskikken (gjin wûnder fansels, sjoch de hiele fierdere ynhâld fan dit haadstik), mar wraksele mei wenningneed, ferkearsopstoppingen, oantaasting fan lânskippen en lânbougrûn troch stêdsútweidingen, tekoarten oan rekreasjeromtes ensfh.“

Hjirtroch ûntstie in regionaal belied, dat berêste op „profitearjen fan ekonomysk-geografyske foardielen fan it Westen, mei troch romtlike sprieding fan oare besteansboarnen en oanfolle mei omtinken foar in oantal probleemgebieten fanút motiven fan 'vaderlandse' sosjale rjochtfeardigens.“ Doel fan it regionale belied wie benammen ek it Noarden net fierder polityk en psychologysk ôfdriuwe te litten. „It Noarden moast tichterby it Westen helle wurde om it spriedingsbelied slagje te litten.“ Dat yn dit oardiel it skrikbyld fan de revolusjonêre bewegingen yn it Noarden fan foar de oarloch net swak byspile hat, sil dúdlik wêze. It is ek opfallend, dat in grutter omtinken foar it Noarden hieltyd gearhinget mei de driging fan tanimmende kommunistyske ynfloed (ein jierren fyftich mei de saneamde „bestedingsbeperkingen“ en letter by it Fré Meis-effekt).

It regionale belied hat mooglik wol wat bydroegen ta de sosjale stiging fan Fryslân, Grinslân en Drinte, mar it wie allegearre wol fierstente let. Boppedat hie dy soasjale ferheffing (it ferbetterjen fan de leanen, it bouwen fan kreaze wenten) folle mear te krijen mei it ûntstean fan de fersoargingssteat sûnt ein jierren fyftich, as mei in spesifyk belied yn de regio. It regionale belied wie, omdat der benammen in belied fierd is fan de grutte oanlûkers, lykas Philips en grutte ryksynstellings, ek winliken gjin adekwaat belied. It Noarden is troch de hieltyd konsekwint hegere wurkleazens in krisisgebiet bleaun. De wurkleasheidssifers skommelje hieltyd yn de rjochting fan de 20 persint. Wierskynlik binne dy sifers ek noch flatearre. As der net elts jier inkelde tûzenen jongelju fuortgyngen, soenen sokke sifers noch folle heger lizze.

De yn de jierren tachtich begûne krisis dy't hiel Nederlân rekke, late der automatysk ta dat it omtinken fan it ryk ferskode nei benammen wat yn dy fermiddens „de nationale groeipolen“ neamd wurde: de Rotterdamse haven en Skiphol. Troch de resessy is, sa sizze De Smidt en Wever, „it helpen fan de swakke regio's wat mear op de eftergrûn krongen yn it foardiel fan it stimulearjen fan sterke regio's.“ Mar ek binnen it regionaal belied is der in feroaring kommen. Yn de tiid fan bloei waard sterk sjoen nei it oanlûken fan bedriuwen fan bûten. Dêrfoar is in oar belied yn it plak kommen: foar it opwekken fan nije inisjativen wurdt folle mear nei de eigen mooglikheden yn de regio sels sjoen. Te tinken falt oan it wurk fan regionale ûntwikkelingsmaatskippijen lykas de NOM.

3. Noardlike ekonomy

In algemien skaaimark fan de noardlike ekonomy is, sa sizze Metz en Verhagen, dat dy sterk oanhinget tsjin de lânbou en dat de tsjinstesektor (hannel, horeka, transport, kommunikaasje, saaklike tsjinsten) him net bot ûntjûn hat. De yndustry is ôf lytsskalich en frijwat âldfrinzich, ôf

krekt grutskalich, benammen yn de gemy en de agribusiness. Neffens de Rotterdamske wurdt der net in soad oan research dien, omdat de ekonomy fan it Noarden foar in tige grut part ûndernimmingsen foar it meastepart om filiaalbedriuwen, produksjefestigingen dy't - lykwols yn in mooglikheden oanbelanget, ûnderoan yn Nederlân. It Fryske bedriuwslibben wurdt hieltyd minder in saak fan Friezen. Yn 1960 stie de helte fan alle arbeidsplakken yn de Fryske metaalyndustry ûnder kontrôle fan bûten Fryslân, yn 1983 al trijekwart.

Metze en Verhagen neame de wize lykas Akzo tsjin de produksje yn it Noarden oansjocht, typearjend foar dy fan it grutte bedriuwslibben yn it Noarden: de relatyf leechwaardige bulkproduksje yn Delfsyl en Emmen tsjinje yn de wurden fan de strategydokuminten fan it bedriuw as „long term cash flow generator.“ Dat wol sizze: se moatte jild opleverje en net in soad kostje. De groei en de fernijing fan dizze gemyske multinational spylje har earne oars ôf.

Yn it foargeande haadstik is al wiisd op de fiergeande ynfloed, dy't útgiet fan it steatsbelied op ditsoarte ekonomyske prosessen. Dat is in strukturele saak, dy't oant hjoeddedei ta trochgiet. Noardlike ekonomen hawwe derop wiisd, dat der in grutte jildstream fanút de regio's (en dus ek it Noarden) nei de Rânestêd ta giet yn de foarm fan opbringsten fan de motorreaubelesting, bensine-aksynzen en bysûndere ferbrûksbelesting. De opbringsten dêrfan geane haadsaaklik nei ferbettering fan de ferkearsstruktuere yn Hollân, Oosterhaven, Stelder en Stoffelsma hawwe dêroer sein: „Hjir giet in netto jildstream fan de rest fan it lân nei de Rânestêd yn it ramt fan in beliedsfjild dat in wichtige ynfloed hat op it festigingsplakmiljeu en dat dêrom wat romtlik effekt oanbelanget wol wat ferlykber wêze sil mei de effekten fan it regionaal belied.“ It soe dêrby om in bedrach gean, dat sawat 4 kear sa heech is as it bedrach, dat útlutsen is foar regionaal belied.


Noarden brocht minstens 140 miljard op

It tichter belûken fan it Noarden by Nederlân troch in regionaal belied soe ek wolris befoardere wêze kinne troch de ûntdekking yn 1955 al, fan wat letter de gasbûle fan Slochteren die bliken te wêzen. Dy kaam foar it earst yn de publisiteit op 5 augustus 1959 en waard fanôf 1961 algemien bekend. It die bliken dat dêr in hast ûnfoarstelber grutte foarried ierdgas siet. Sûnt dy tiid is der gâns mear gas ûntdutsen, benammen yn it Noarden en ûnder de Noardsee.

Ut Fryslân komt hjoeddedei om ende by 10 persint fan de totale Nederlânske gasproduksje, út Drinte ek, en út Grinslân sawat 50%. It Noarden is dus al jierren goed foar 70 persint fan de totale Nederlânske gasproduksje. Yn 1989 wie der yn elts gefal in reserve fan 3500 miljard kubike meter. Om te ferlykjen: de gasfjilden fan Grinslân, Fryslân en Drinte leveren yn 1990 52 miljard kubike meter gas. Fan dy ûnbidige foarried fan 3500 miljard moat der ek noch gâns ûnder it Noarden sitte. Dat betsjut dus in ekonomyske rykdom dy't men him hjir foar 1955 nea foarstelle kind hat.

Tusken 1970 en 1989 levere it ierdgas de Nederlânske steat 200 miljard gûne op. Op syn minst 70 persint dêrfan is troch it Noarden opbrocht. „De boaiemskatten fan it Noarden wienen in potinsjele boarne fan regionale wolfeart, mar tsjinslach, sleaukjen, miljeubewustwêzen of knoffeligen soargen derfoar dat de opbringst navenant lyts bleaun is,“ oardielden Metze en Verhagen yn 1989. Hja fûnen ek, dat it gas eins neat mei de soasjaal-ekonomyske posysje fan it Noarden te krijen hie: „Mar de oanwêzigens fan boaiemskatten is in kwestje fan gelok, net fan wiisheid, ûndernimmerskip, ekonomyske skittering of dippere arbeid, en it Noarden, dat wat dit oangiet it rykste part fan Nederlân is, hat om alderlei reden net echt fan dit gelok meiprofitearje kinnen.“ Mar fan de lizzing fan Rotterdam oan de Ryn kin itselde sein wurde. Allinnich hat Rotterdam wol „om alderlei reden“ fan dit „gelok“ profitearre. Dat de beide skriuwers dit net sjogge, komt omdat yn harren ferhaal ien oarsaak, fierwei de wichtichste, ûntbrekt. Dy oarsaak stiet yn it foargeande en dit haadstik beskreaun: it planologyske, politike en ekonomyske belied fan de Nederlânske steat.

Lit ús even dreame, dat de skiednis oars ferrûn wie en de Friezen der yn de Midsieuwen, krekt as de Switsers, wol yn slagge wienen, in steat te stiftsjen. Dan hienen de grutste ierdgasfjilden fan West-Europa Frysk besit west. Dat hat net sa west, mar it foarbyld tsjinnet om heider te meitsjen dat redenearringen as yn de foarige alinea hielendal net sa logysk binne as guon tinke. It is mar krekt hoe't de politike machtsferhâldings lizze.



Figuer 4: *Wat de ekonomyske mooglikheden oan giet, stelt it Noarden krekt wol wer in soad foar. De rykste ierdgasfjilden fan hiel West-Europa lizze yn ús kontreien. De konsintraasjegebieten bûten it Noarden hawwe der foardiel by. Wy net.*

Gjin foardiel

Der is de ôfrûne tweintich jier hieltyd pleite foar it takennen fan in wêzentlik part fan de gaswinsten oan it Noarden. Mar soks soe neffens Metz en Verhagen net mooglik west hawwe fanwege in Europeeske rigels, dy't regionaal-differinsjearre prizen net talitte soenen. Mar yn 1986 die nei in ûndersyk fan de Europarlemintariër Vandemeulebroucke bliken dat der wol wat oars barde. It Nederlânske regear hie Fryslân en Grinslân ôffierd fan de list fan gebieten, dy't yn oanmerking komme foar stipe út it soasjaal en regionaal fûns fan de Europeeske Mienskip, omdat it Haachske regear de ierdgasreserve opiens tarekkene hie oan it Bruto Regionaal Produkt fan dy beide provinsjes.

Gjin foardiel derfan, mar wol opiens ryk rekkene oan eat dat jo alhiel net hawwe. De Nederlânske steat operearret yn dit ferbân ek as in suver ferlingstik fan de oaljemaatskippijen. De oandielhâlders fan de Gasunie en de NAM (Shell, Esso en DSM) hawwe nammentlik sels gjin belang by it bliuwe

Der hat dus yn it niisneamde tiidrek in sterke efterútging fan de wichtige lânbousektor plakfûn, wylst de groei foaral taskreaun wurde moat oan it toerisme. Dy lêste faktor is ekonomysk wol fan gewicht: Noard-Fryslân hat sels in gruttere toeristyske oanlûkingskrêft as Garmisch Partenkirchen, it ferneamde wintersportsintrum yn de Alpen. Noard-Fryslân leit fier fan de sintra, de ferbindingen op de neiste omkriten, en der is in tanimmende wurkleazens (yn 1988 yn Husum bygelyks 21,2%) omdat der net genôch arbeidsplakken binne. Dat stimpelt Noard-Fryslân ta in perifere regio, mei in lanlike en swakke struktuer. It belied fan de Dútske steat sterket dizze tendins, lykas wy yn haadstik II seagen, fuort.

6. Konklúzje

De tsjintwurdige ekonomyske, planologyske en politike problemen fan de Fryslannen binne haadsaaklik feroarsake troch in net trochsetten fan de yndustrialisearring. Der wie in sterke agraryske sektor, mar dy sektor koe úteinklik net it oerskot oan befolking opnimme. Dêrtroch waarden de Fryslannen emigraasjegebieten. Der wienen wol oansetten ta yndustrialisearring, mar dy kamen net ta bloei, omdat de polityk-maatskiplike krêften, dy't soks stimulearje kind hienen yn de Fryslannen ôfwêzich wienen. De yndustrialisearring dy't yn de twadde helte fan de tweintichste ieu op gong kaam, kaam fan bûten en droech net wêzentlik by ta ekonomyske fersterking fan de regio. De sosjaal-ekonomyske takomstperspektiven foar Westerlauwersk Fryslân, Grinslân, East-Fryslân mei it Jadegebiet en Noard-Fryslân binne tryst. Troch it besunigjen op de sosjale útkearings sille dizze gebieten, omdat de trochsnee ynkommens hjirre ûnder en it oandiel wurkleazen boppe it Nederlânske en Dútske trochsneed lizze, yn grutte problemen komme kinne.

Literatuer:

- BAKKER, VINCENT en FEIKE SALVERDA: De jacht op ons aardgas. Vrij Nederland 15 jannewaris 1983.
- BAKKER, VINCENT en FEIKE SALVERDA: De prijs van ons aardgas. Vrij Nederland 12 febrewaris 1983.
- BARBOUR, VIOLET: Het Amsterdamse kapitalisme in de 17e eeuw. Amsterdam 1965.
- BLAUW, M.J.E.: Van Friese grond. Agrarische eigendoms- en gebruiksverhoudingen en de ontwikkelingen in de Friese landbouw in de negentiende eeuw. Ljouwert 1995.
- BRANDT, OTTO: Geschichte Schleswig-Holsteins. Kiel 1966.
- BRUGMANS, I.J.: Paardenkracht en mensenmacht. Sociaal-economische geschiedenis van Nederland 1795-1940. De Haach 1961.
- DIEDERICH, URS J. (red): Schleswig-Holsteins Weg ins Industriezeitalter. Hamborch 1986.
- DIJK, J. VAN en R.J. STOFFELSMA (red): Groningen, Friesland en Drenthe op eigen kracht naar Europa 2000? Grins 1990.
- HUISMAN, D.: Perspectieven voor het noordelijk bedrijfsleven in Europa in de negentiger jaren. Yn: VAN DIJK en STOFFELSMA.
- KEIZER, DOUWE: Friese vrijheid in ondernemersland. Een studie naar de externe controle in de industrie. Assen/Maastricht 1985.
- LIAGRE BÖHL, HERMAN DE, JAN NEKKERS en LAURENS SLOT (red): Nederland industrialiseert! Politieke en ideologische strijd rondom het naoorlogse industrialisatiebeleid 1945-1955. Nimwegen 1981.
- MEIBEYER, WOLFGANG: Probleemstelling (yn ferbân mei tema Great Frysk Kongres 1976). It Beaken 1977.
- MEIBEYER, WOLFGANG: Romtlike ûntjowing en gemeentlike yndieling yn it eastfryske gebiet sûnt 1975. It Beaken 1977.
- METZE, MARCEL en FRANS VERHAGEN: Het Noorden. Intermediair, 1 december 1989.
- MOMSEN, INGWER E. (red): Schleswig-Holsteins Weg in die Moderne. Zehn Jahre Arbeitskreis für Wirtschafts- und Sozialgeschichte Schleswig-Holsteins. Neumünster 1988.
- NN: Ontwikkeling in de Noordelijke Regio Nederland en Noord West Regio Bondsrepubliek Duitsland. Grins 1980.
- NN: Olie en gas in Nederland. Opsporing en winning 1989. De Haach 1990.
- OOSTERHAVEN, J., T.M. STELDER en R.J. STOFFELSMA: Regionale arbeidsmarktontwikkelingen en de ruimtelijke betekenis van overheidsoptreden en internationalisering. Yn: VAN DIJK en STOFFELSMA.
- ROLAND HOLST-VAN DER SCHALK, H.: Kapitaal en arbeid in Nederland. Bijdrage tot de economische geschiedenis der 19de eeuw. Amsterdam g.j.
- ROOY, P. DE: Werklozenzorg en werkloosheidsbestrijding 1917-1940. Landelijk en Amsterdams beleid. Amsterdam 1979.
- SMIDT, M. DE en E. WEVER: De Nederlandse Industrie. Positie, spreiding en structuur. Assen/Maastricht 1987.
- STOFFELSMA, RONALD J.: Centrale overheid en regionale welvaart. Grins 1992.
- WERF, J.J. VAN DER: Industrie en regio. Grins 1989.
- WIELEN, H.G.W. VAN DER: Een Friese landbouw-veenkolonie. Bevolkingsstudies van de gemeente Opsterland. Amsterdam 1930.
- WIETHOLD, FRANZISKA: Probleme bei der Industrialisierung einer ländlichen Region - Die Arbeitsmarktentwicklung in Ostfriesland nach dem 2. Weltkrieg. Marburg 1972.
- WYBENGA, P.: Sociaal-economische achterstand. Yn: J.H. BROUWER (red): Encyclopedie van Friesland. Amsterdam/Brussel 1958.
- ZANEN, TEUN JAN: Noord-Nederland, een kolonie? Amsterdam 1973.
- ZOON, JAN H.: Friesland tussen hoop en vrees. Enige beschouwingen over de invloed van de industrialisatie gedurende de periode 1950-1964 op de Friese welvaart. Drachten 1969.

IV FRYSCHE TAAL EN KULTUER: WARLEAS FOAR WAAR EN WYN

Yn it foaropwurd hawwe wy sein, dat wy by Fryslân net yn it foarste plak tinke oan de provinsje binnen it Nederlânske steatsferbân, mar oan it wengebiet fan it Fryske folk. Der binne lju, dy't twifelje oan it bestean fan sa'n folk, of net rjocht witte hoe't hja mei sa'n konstatearring oan moatte. Sa miende Rozemond fan it offisjele Nederlands Instituut voor Vredesvraagstukken yn De Haach, nei't er konstatearre hat dat der in „Nederlânsk folk, wenjend fan it Waad oant foarby Maastricht“ bestiet dat „in nasjonaal gehiel“ foarmet: „In gefal op harsels binne de Friezen, foarsafier't hja harsels as folk sjogge. Wêrom hja, mear as ynwenners fan oare provinsjes? Omdat hja grut geane op eigen uteringsfoarmen, foaral in taal dy't mear is as in dialekt.... No't gjin inkelde politike partij yn Fryslân folle mear ferlangt as beskerming fan dy eigen uteringswize, meie wy gerêst sizze dat yn ús lân de nasjonale ienheid net yn 'e kiif stiet.' Mar immen as de fan komôf Rotterdammer Zoon, dy't al lang yn Fryslân wennet, wie folle dúdliker: „Der is gjin twivel oer, dat de Friezen miene in apart folk te wêzen.“

Piter Jelles Troelstra hat yn syn tinkskriften oer syn wurk yn de arbeidersbeweging al in frijwat romantyske skildering jûn fan it Fryske folk, it folk dêr't er himsels ek ta rekkene: „It hat in skiednis, dy't sprekt fan in eigen folksbestean, fan in romroft ferline, dêr't grutte heldefiguere fol ûnferwrikberens en frijheidsleafde opljochtsje oant yn ús dagen.“ En even letter hat er it oer „dat lân, dat syn eigen folk en eigen wetten hie yn in tiid, dat fan ús Nederlân en syn folk en taal noch gjin sprake wie.“ En oer de Fryske taal skriuwt Troelstra: „In taal, dy't yn âldens stiet njonken it Gotysk, dit en it Angel-Saksysk oerlibbe hat en benammen yn ús provinsje Fryslân noch de taal is fan dat folk, dat dêr sûnt mear as twatûzend jier op dy lege grûn oan de see, bedrige troch stoarm en wetterfloed, de striid tsjin de eleminten fierd hat.“

Us útgangspunt is, sûnder ta sokke romantyske foarstellings te ferfallen, dat wy Friezen in folk op ússels foarmje, mei in eigen taal en kultuer, en mei in skiednis, dy't (fansels) foar in part lykop rint mei dy fan Nederlân (en Dútsklân) mar dy't boppedat eigen woartels hat dy't folle âlder binne en dy't boppedat dêrbûten út geane. Men sil hjir tsjin ynlizze kinne, dat lang net elkenien, dy't as „Fries“ beskôge wurdt, it hjirmei iens wêze sil. By taalsosiologyske enkêtes fan de Fryske Akademy yn Ljouwert docht ommers elke kear wer bliken, dat gâns wat ynwenners fan Fryslân harsels as „Nederlanner“ sjogge. Mar in twadden is, dat der by dat soarte enkêtes ek hieltyd in opfallende minderheid is, dy't seit himsels as Fries te beskôgjen. Omdat dit gjin nij útfûn tinkbyld is, mar weromgiet op de tiid, dat Fryslân echt in polityk-steatkundich feit wie, is it neffens ús sa, dat it ûntkennen fan it Fries-wêzen by gâns minsken yn Fryslân te krijen hat mei ferfremdzjende ynfloeden fan bûten ôf.

1. Alde identiteit

Hoewol't it foar ús dúdlik is, dat in soad minsken it net sa sjogge, is ús útgangspunt dat fan dy niisneamde opfallende minderheid. Wy witte út de skiednis, dat it Fryske folk in etnyske identiteit hat dy't weromgiet oant yn de prehistoarje. It Fryske wengebiet hat eartiids grutter west; goed tûzend jier lyn jilde de Fryske wet fan it Sinkfal by Brugge oant de mûning fan de Wezer, wylst dêrbûten ek noch in Frysk gebiet lei op de westkust fan Steeswyk Holstein. Yn hiel Hollân, in part fan Utert en Sieulân, yn Fryslân, Grinslân, East-Fryslân, Noard-Fryslân en nei alle gedachten ek fan Oerisel, Drinte en it Iemslân, wenne doe in befolking, dy't himsels as Fryske seach. Nei it ferneatigjen fan it Fryske keninkryk troch de Franken waard it Fryske gebiet stadichoan lytser. Hollân gyng syn eigen wei en keas in eigen identiteit en waard ta fijân fan it oerbliuwende Fryske gebiet eastlik fan it Fly.

De tespjalting fan dat gebiet eastlik fan it Fly troch politike en ekonomyske faktoaren krige syn beslach om 1500 hinne. East-Fryslân en Noard-Fryslân kamen binnen de Dútske en Deenske ynfloedssfearen en Fryslân, Grinslân en Drinte keazen in eigen selsstannige wei yn de Republyk fan de Sân Feriene Nederlannen. Mar wylst yn East-Fryslân dúdlik it ûnthâld oan it Fryske ferline libben bleau, waard dat yn Grinslân lang om let nei de eftergrûn krongen. Yn de stêd Grins hat inkele ieuwen lang in streaming bestien, dy't Grins as haadstêd fan Fryslân (yn de betsjutting fan in Fryslân tusken Fly en Iems en mooglik sels tusken Fly en Wezer) seach. Tagelyk dienen de Iju yn de Ommelannen in berop op har Fryske ferline om har ôf te skermjen tsjin de stêd Grins, dy't neffens har Saksysk fan aard wie. Nei de foarming fan de Nederlânske ienheidssteat hat yn Grinslân de fersmelling nei in eigen lytsskalige provinsjale identiteit trochsetten, wêrby't guon minsken it leafst it ieuwenlange Fryske ferline fan Grinslân deaswijsje wolle soenen. Fan de weromstuit binne dêrop yn Westerlauwersk Fryslân de anti-Grinsgefoelens wer fuortsterke.

Dochs heart Grinslân sûnder twivel histoarysk en kultureel by Fryslân. It is it lân fan Bernlef, de blije achtste iuske Fryske bard, it is it lân fan de Fryske muontsen-kronykskriuwers Emo en Menko, is it it lân dêr't Appingedaam leit, iennis it Ommelanner bestjoerssintrum dêr't yn it begjin fan de fjirtjinde ieu in ferdrach tekene waard tusken Fryslân en Frankryk en dêr't it „segel foar hiel Fryslân“ oan hongen waard. Ek de stêd Grins sels is nei alle wierskynlikens fan oarsprong in Frysk doarpke. De machtsposysje fan it plak soe berêste kinne op it feit, dat de stêd âld Frysk keningsbesit wie, dat yn de achtste ieu oerging yn hannen fan de Franken. En de bekende Fryske pompeblêden komme hjoeddedei ek noch foar yn it offisjele wapen fan Grinslân.

De namme Fryslân

De namme „Fryslân“ bestiet noch op in frij grut tal plakken: West-Fryslân yn Noard-Hollân, Fryslân (de provinsje yn it noarden fan Nederlân), East-Fryslân, Fryslân (Kreis Jever) en Noard-Fryslân, wylst de Waadeilannen tusken De Helder en Esbjerg de Westfryske, Eastfryske en Noardfryske eilannen hjitte (alteinste bûten Nederlân; binnen Nederlân is de offisjele namme fan de Westfryske eilannen de Waddeneilanden). Der falt dus op goede histoaryske en aktuele grûnen te ferdigenjen dat it Noardseekustgebiet fan de noardlike râne fan de Rânestêd oant oer de Wezer en oer Helgolân nei de Deenske grins ta, de namme Fryslân (Friesland, Fraisaand, Freeland, Fraslönj) heart te dragen.

De Fryske taal ferdwûn út Hollân en foar it grutste part út Grinslân en East-Fryslân. Taalkundigen hawwe gâns diskusjes fierd oer de fraach, werom as it Frysk út safolle krite ferdwûn is. Dat hie te krijen mei politike en ekonomyske faktoaren. Ekonomysk wie foaral fan belang, dat der net in Frysktalich stêdlik sintrum ûntstien is. It Frysk wie offisjele taal yn in tiid dat der gjin sintraal gesach yn Fryslân wie. Doe't dat sintraal gesach kaam, waard it oplein troch machthawwers fan bûten, en dy fierden in oare taal as bestjoerstaal yn.

Sa besjoen wie de kulturele periferisearring, dy't yn de njoggentjinde ieu ynsette mei de foarming fan de Nederlânske en Dútske ienheidssteaten, in fuortbreidzjen op âldere ûntjouwingen. De offisjele ynfiering fan it Nederlânsk en it Heechdútsk as talen fan ûnderwiis en bestjoer late net allinnich ta statusferlies, mar ek ta hieltyd sterker wurdend kwaliteitsferlies fan de Fryske taal en dêrút fuortkommen streektaal as it Grinslânsk en it Eastfrysk Platt. Mar ôfsjoen dêrfan late de sintralisearring ek ta in fierdere kulturele ferearming yn it Noarden.

Soks lit him yllustrearje oan de sluting fan de universiteit en it atheneum fan Frjentsjer. De Frânsken dienen de earste stap, mei it opheffen fan de universiteit, en de Nederlânske ienheidssteat makke ek oan it atheneum, in beheinde fuortsetting fan de universiteit, in ein. Der is yn dy snuorje besocht om ek de Grinzer universiteit op te heffen, mar dat slagge net.

2. Nederlân lang gjin ienheid

It hat der ek wol wat fan, dat dit besykjen ta ôfbraak krekt yn it Noarden mooglik in ideologyske eftergrûn hân hawwe kin. Sels no is de Nederlânske steat gjin foltôge ienheid, lit stean dat dat yn it begjin fan de njoggentjinde ieu sa wie. It keninkryk ferkearde lang, troch in minne ekonomy en troch ynternasjonale skelen (de opstân fan de Belgen), yn grutte swierrichheden. Boppedat wie der gjin mienskiplik fielen oangeande de nasjonale identiteit.

It stiet yn elts gefal fêst dat der by it sykjen nei in mienskiplike Nederlânske identiteit sjoen is nei it Fryske ferline fan hiele grutte parten fan Nederlân. Sa skreau de heechlearaar tsjerke- en dogmaskiednis Royaards yn Utert: „Mear as Batavieren en Kaninefaten neame wy, Nederlanners, dêrom de Friezen eigentlik ús foarfaars.“ Dat benammen beskate uteringen fan Frysk ûnôfhinklikensstinken, lykas it optreden fan de politikus Daam Fockema mei syn pleiten foar in Fryske polityk, yn Hollân mei erchtinkendheid besjoen waarden, leit yn de reden. Dy erchtinkendheid waard noch fuortsterke doe't kening Willem I him foarstean liet op syn Frysk komôf. Lange tiid waard allinnich it skriuwen fan de namme Friesland en de femyljenamme De Fries mei in „V“ tastien; de F koe tefolle assosjaasjes wakke mei it âlde keninkryk Frisia, en Frysk-nasjonale tinkbylden fuortsterkje. Soks koe as gefaarlik foar it him ûntjaande jonge Nederlân sjoen wurde.

Letter yn de ieu ferhinderen benammen de emansipaasjestrûd en de ferpyldering it ûntstean fan in nasjonaal-Nederlânsk kultureel ienheidsfielen. Der bestie om de wurden fan it blêd Recht voor Allen út dy dagen te sitearjen, „gjin Nederlânske maatskippij; der wie allinnich mar in klassesteat dêr't ûnderdrukkers en ûnderdrukten tsjinoer elkoar stienen. Twa klassen dy't alhiel neat mei elkoar te krijen hienen en op foet fan oarloch mei elkoar ferkearden.“

Dyselde ûngelikense machtsferhâldingen bestienen ek yn it Noarden. Fan reginten waarden de provinsjale bestjoerders benammen yn Fryslân neffens Wybenga „loopjonges fan it regear en opsichters fan wetterskippen.“ In doelbewuste provinsjale polityk waard troch it ryk ûnmooglik makke en it provinsjaal besjoer lei him dêr by del. Wybenga: „De adel, fan magistraten ferwurden ta lânjonkers, siet mear yn noed oer de stân fan it wyld as oer de sawat alhiel ferdwûne ynternasjonale hannel en skipfeart. Piëteitfol helpe hja mei om de Fryske kultuer yn it myseum by te setten. De bestjoerders, ôfsakke fan autoriteit ta automaat, lykje der allyksa frede mei te hawwen; hja jouwe har oer oan de dream fan de romantyk en rydboskje al by it tinken dat dit leaflike lânskip besmuodze wurde sil mei reek en roet, of dat de stiltme fersteurd wurde sil om in rop om rjocht foar de fjirde stân.“ It liket wol, as is doe de basis lein foar mear as in ieu psychology fan tuike-tuike: „Mar de boaiem is noch hieltyd fet en de boerestân makket noch fierder de rêchbonke fan it folk út. Spittigernôch binne de havens, iennis finsters op de wrâld, fersâne en allinnich noch brûkber foar fiskers-yn-de-omkriten. De wei oer avontoer nei rykdom liket ôfskoattele; fan no ôf oan sil dy fia sunigens mei flyt, erfskip en betochtsum oerlis gien wurde moatte.“

It opkearen fan nije ûntjouwings hat mooglik wol deselde psychologyske eftergrûn as dy fan guon ûndernimmers, dy't ein jierren tachtich fan dizze ieu net by steat wienen om kreatyf yn te spyljen op in op himsels hiel hoedene maatregel as it ynfieren fan plaknammebuorden mei de Fryske doarpsnamme boppen en de Nederlânske ûnder. De beskamsme heisa dy't dêrom ûntstie wie faaks al te typearjend foar in behyplike ynstelling sawol yn Fryslân, as ek yn hiel Nederlân. Fryslân hat dêrtsjinoer in kreamkeamer west foar de nije ideeënwrâlden fan liberalisme, soasjalisme en frijtinkery, mar oan de oare kant late de ekonomyske stagnaasje ta in benypte sjenswize op de dingen by it behâldende part fan de befolking. Dat erfskip lykje wy spittigernôch noch lang lêst fan te hawwen.

3. Stagnaasjeferskynsel

Yn sa'n sfear waard ek de Fryske taal ta in stagnaasjeferskynsel. Ea de offisjele taal fan rjocht en wet yn in folle grutter gebiet as Westerlauwersk Fryslân, no allinnich noch goed om bewûndere te wurden as it ferskynsel út in foargoed foarbij lykjende tiid. It wie in himsels fernijende Fryske Beweging, dy't hiel stadich, mar dochs úteinlik definityf him ynsette foar de Fryske taal yn it ûnderwiis, yn de publisiteit en yn it bestjoer. Lykop mei dizze beweging yn Westerlauwersk Fryslân ûntstie ek in Fryske Beweging yn Noard-Fryslân. Al ier yn de foarige ieu ûntstienen der ynsidintele kontakten tusken beide bewegingen. Stadichoan libbe ek yn East-Fryslân in Frysk-regionaal bewustwêzen op. Sa koe der yn it begjin fan dizze ieu in regelmjittiger kontakt tusken de trije Fryslannen ûntstean, en dizze kontakten binne foaral fanôf 1960 sterk yn yntinsiteit tanommen.

De Fryske Beweging hat eins yn alle trije Fryske gebieten wol súksessen behelle. De Dútske steat stie yn de jierren tweintich Frysk ûnderwiis ta yn Noard-Fryslân. Sa'n resultaat soe pas desennia letter yn it Nederlânske Fryslân binnenhelle wurde. Ek yn East-Fryslân is in streektaalbeweging ûntstien, en der wurdt sels ek noch publisearre yn it Frysk fan it Sealterlân, it hiele lytse, lêste echt-Fryske taalgebiet yn East-Fryslân.



Figuer 5: Der bestiet in Fryske, noardlike kultuer, mar dy sneit alhiel ûnder yn de mei miljarden fan de oerheid stipe Nederlânske en Dútske kulturele ynfastruktuer. De sprieding fan de universiteiten yn Nederlân en Noard-Dútsklân (hast alle gearre kreas op ôfstân om ús hinne) is in yllustraasje fan sok kultureel ymperialisme.

Hiel muoistum

De kulturele striid fan de Fryske Beweging hat, nettsjinsteande de súksessen, oant no ta in hiel muoistume striid west. De Fryske Beweging is der noch net yn slagge wat mear as in uterste minimum út it fjoer te slepen. Soks leit út soarte ek oan de swakte fan de Fryske Beweging (dêroer aanst mear), mar hat wêzentlik te krijen mei it aard fan de Nederlânske en Dútske steat. Benammen de Nederlânske steat wit as hast gjin oare tige fernimstich it middel fan de repressive tolerânsje ta te passen: krekt dwaan as jout men mei de iene hân wat, mar it mei de oare hân mei in soad moaie wurden weromnimme. Wat de Nederlânske steat docht mei syn Fryske folk is winliken it tapassen fan in hiel hoeden útfierde kulturele ferneatiging. Soks wurdt ek wol etnoside neamd.

De ferhâldingen mei betrekking ta de Fryske taal en kultuer wurde hiel sterk beynfloede troch de hjirboppe sketste politike prosessen. Sjoen nei it prinsipe fan de twataligens, soe der in earlike ferdieling yn romte en middels wêze moatte tusken it Frysk en de oerhearskjende steatstaal. Dy ferhâldings binne lykwols alhiel net earlik; it Nederlânsk en it Dútsk hawwe net allinnich de beskikking oer hast alle machtsmiddels, mar ek noch oer hast alle jild.

Sjoen nei de reële ferhâldings yn Nederlân is it sa, dat in soad Nederlanners de saken yn Fryslân gewoan folslein op de kop sette. Minimale maatregels fan Fryske lokale oerheden om binnen harren mooglikheden wat oan in taalbelied te dwaan, moetsje grutte protesten, krekt lyk as wie 'de Nederlanner' it grutst mooglike ûnrjocht oandien mei it ferfryskjen fan in tal doarpsnammen. En wa't de Fryske arguminten dan ek noch doart te ferdigenjen, kriget te hearren dat er mar oppasse moat, want, sa hjit it dan, it nasjonalisme hat ek yn it no eardere Joegoslavië in soad kwea oanrjochte. Krekt as soe der fan in ferlykbere sitewaasje praat wurde kinne. De werklikheid is, dat Nederlân oan it Fryske taalstribjen oant no ta net folle romte jûn hat.

Yn de rin fan de tweintichste ieu is mei de útbou fan it steatsapparaat op praktysk alle wichtige maatskiplike fjilden de greep fan de Nederlânske en Dútske steat binnen it territorium fan de steat hieltyd sterker wurden. De mooglikheden om te beynfloedzjen, om syn ideology op te lizzen oan de minsken, binne navenant grutter wurden. De Fryske Beweging hat troch allegearre oarsaken oer it generaal tsjinoer dizze útdagingen in polityk fan folgen en reagearjen bedreaun.

Ta hokker dilemma's dat hjoeddedei liedt, stiet wiidweidich beskreaun yn in stúdzje fan Van Rijn en Sieben. Hja ferlykje it yntegrale en dynamyske non-konformisme fan Wales mei in 'smel' taal- en kultuerstribjen yn Fryslân, dat folle letter as it Welske ryp waard foar politike refleksje en aktiviteiten. Binnen it Welske regionalisme wurdt hiel oars reagearre op it fjild fan easken en methoden. Dêr operearret in bûtenparlemintêre en separatistyske wjuk, wylst de Fryske regionalisten dêrfoaroer minder konvinsjonele easken, metoaden en presjemiddels hieltyd sûnder mear ôfwjisd hawwe. Soks soe mooglik it folle gruttere súkses fan de Welske beweging ferklearje.

De ferklearring foar dit ferskil leit mooglik op soasjaal-ekonomysk terrein. It soe wêze kinne, dat it Noarden fan Nederlân yn de rin fan de ôfrûne hûndert jier hieltyd ôfhinkliker makke is fan Nederlân. De kulturele en psychologyske ôfhinklikens is dêrom navenant grutter wurden; it proses fan yntegraasje hat fierder trochsette kind. Wales hat yn elts gefal in eigen yndustriële ûntjouwing meimakke. Tsjinoer it Welske non-konformisme soe men it meigeande, it nei-de-eagen sjende gedrach en it ôfhinklike tinken fan nochal wat stjoerders fan it tinken yn polityk en bestjoer yn de Fryske gebieten en yn harren spoar ek trochsneed minsken stelle kinne.

Konklúzje

kulturele sitewaasje fan de Fryslannen is in gefolch fan it ekonomysk en polityk-planologysk gean yn de Nederlânske en Dútske steat. Dat proses fan opgean yn dy steaten hat oer it generaal saak west fan ienrjochtingsferkear, dêr't de Fryslannen folle mear ôfstien hawwe as romkrigen. Dêrom kin de Fryske kulturele sitewaasje omskreaun wurde as ien fan hast folsleine rieursking troch de Nederlânske en Dútske steatskultueren en -talen. De lytse diken, dy't de Fryske Beweging dêr tsjinoer opsmitten hat yn Westerlauwersk Fryslân en Noard- en East-Fryslân, is net by steat wêze, dy Nederlânske en Dútske kultuerorkanen op 'n doer te wjerstean. Dat komt omdat de Fryske taal en kultuer en út it Frysk fuortkommen talen en kultueren lykas dy fan Grinslân en East-Fryslân winliken foar en wyn lizze en gjin fellige haven hawwe om op werom te fallen.

Literatuer:

- RIESEN RAT: Kleine Geschichte Nordfrieslands und der Friesen.
- RIEDEL, JACQUES: Arbeidersleven in Nederland 1850-1914. Nimwegen 1979.
- RIPPENBERG, HANS en BEN DE PATER: De eenwording van Nederland. Nimwegen 1988.
- RIJN, J.G. VAN en C. SIEBEN: Regionalisme en Oerheidsbelied. In ûndersyk nei de ynfloed fan regionalistyske easken op it oerheidsbelied yn en oangeande Fryslân, Wales en Bretagne. Ljouwert 1991.
- ROZEMOND, S., Volken en landen. Grenzen van het zelfbeschikkingsrecht. De Haach 1978.
- ROELSTRA, P.J.: Gedenkschriften. Diel I: Wording. Amsterdam 1931.
- ROUD, AUKE VAN DER: De Bataafse hut. Verschuivingen in het beeld van de geschiedenis 1750-1850). Amsterdam 1990.
- RYBENGA, P.: Sociaal-economische achterstand. Yn: J.H. BROUWER (red): Encyclopedie van Fryslân. Amsterdam/Brussel 1958.

V WAT KINNE WY DWAAN?

Neffens de yn it foargeande beskreaune analyse sille yn Europa de kânsen op oarloegen en soasjale ûngelikenens tanimme. De sitewaasje fan de Fryske lannen kin dêrby beskreaun wurde yn termen fan folsleine ôfhinklikens fan eksterne machtssintra en mei in takomstperspektyf, dat der ûnder de besteande machtsferhâldings net botte fleurich útsjocht. Wy steane dêrom foar in fûnemintele diskusje en wiziging fan ús stânpunten en doelen. Soks sil, sjoen de yn de haadstikken II, III en IV beskreaune sitewaasje, net maklik wêze, mar moat dochs besocht wurde.

Soks moat besocht wurde, omdat wy fan betinken binne dat wy yn it noarden fan Nederlân en yn de Fryske regio's yn Dútsklân noch in takomstperspektyf hawwe. Wy fine yn elts gefal net dat „Fryslân” yn de betsjutting fan it lân dat ferbûn is oan it Fryske folk mei syn ieuwenâlde skiednis, ferdwine mei. Wy fine yn elts gefal dat der ek in Fryske takomst is, as wy dat wolle, en as it ús slagget mei oaren de gaadlike wegen te finen om sa'n takomst op te bouwen. It seit himsels, dat dy wegen nei dy takomst der allinnich komme sille, as ús perspektyf ek oantreklik en oannimlik is foar oaren. It skeppen fan sa'n takomst sil allinnich ús wurk wêze kinne en it wurk fan de minsken dy't yn it súdlike kustgebiet fan de Noardsee wenje. In oar sil it net foar ús dwaan.

It falt net ta om krekt te sizzen hoe't it mei de naasjesteaten yn West-Europa gean sil. Oan de iene kant is der dúdlik in erosy fan de âlde macht en sôvereiniteit fan dy steaten oan de gong. Op it ekonomyske mêd lûkt de Europeeske burokrasy in soad fan dy macht nei him ta. Oan de oare kant binne de naasjesteaten stege ferbannen, net op syn minst troch it systeem fan foarsjennings, dat hja yn dizze ieu opboud hawwe.

Nettsjinsteande dat is it (haadstik I) mooglik, dat dizze moderne steaten, dy't op sa'n stevich fûnemint lykje te stean, oantaast wurde kinne en sels útelkoarfalle. It ôfflakken fan it systeem fan soasjale foarsjennings, de bergenhege steatsskulden (benammen yn Nederlân en Dútsklân) en yn it algemien de tanimmende ynstabiliteit (ek yn Europa) lykje faktoaren dy't op termyn dy stegens fan de naasjesteaten ûnderstek dogge. Oan de oare kant kin dizze Europeeske of mooglik sels wrâldûntjouwing âlde ferskynsels fan steatsjauvinisme wer oproppe en fuortsterkje. Sokke reaksjes soenen faksistyske skaaimerken krije kinne.

1. Euroregio's

De Europeeske burokrasy trunet hieltyd sterker oan op it foarmjen fan sansamde Euroregio's: polityk-maatskiplike gearwurkingsferbannen dy't dúdlik oer de hjoeddeistige steatsgrinzen hinne gean. It offisjele argumint is dat dêrmei in stik Europeeskse yntegraasje ta stân komt. It liedt derta, dat har yn Europa nei alle gedachten in oantal yndustriël-geografyske kompleksens foarmje sille. Dy kinne, omdat se min ofte mear op in beskaat part fan it grûngebiet fan in inkelde steat konsintrearre binne, it bêste omskreaun wurde as steatsyndustrykompleksen. Yn oare gefallen kin ek sein wurde dat it om regioyndustrykompleksen giet. Yn grutte halen binne se fansels al oanwêzich: Hamboarch, Bremen, de Roer, Hollân, Flaanderen oan de Skelde om in pear te neamen. Dizze tendins sil, fanwege de oanstried ta it hieltyd fermearderjen fan de winst, de útrûpeling fan de ekonomy ek fan gebieten as Noard-Nederlân en Noardwest-Dútsklân (Wezer-Ems) nei alle wierskynlikens fuortsterkje. It hat dus alle sin en doel, yn dizze („ûs") hoeke fan de wrâld sels mienskiplik de tsjinkrêften te mobilisearjen.

Hoe't it mei it proses fan de Europeeske ienwurding fierder giet, falt swier te sizzen. Dat it sûnder mear ta in harmoanyske ienheid groeie sil, falt net oan te nimmen. Europa bestiet nammentlik út grutte lannen mei in net gau te ferjitten skiednis fan aggresje en oarloch en út lytse en hiele lytse lannen, dy't fan dy grutten al te faken it slachtoffer west hawwe. In Europeeske Mienskip, dy't opboud wurdt fanút de besteande steatstruktueren, sil sûnder twivel liede ta in dominânsje fan trije, twa of ien.

2. In wrâld fan lytse steaten?

Der binne minsken, dy't dizze gefaarlike ûntjouwing al tsientallen jierren oankommen seagen. De ûndersiker Leopold Kohr, berne yn Eastenryk en letter lektor yn de Feriene Steaten, Puerto Rico en Wales, publisearre yn 1957 syn boek „The Breakdown of Nations.” Hy miende dat yn in sitewaasje fan grutte ferskillen yn macht tusken steaten de machtichsten dêr altyd op de ien of oare wize misbrûk fan meitsje soenen. Kohr is fan betinken dat it skeppen fan in wrâldsteat in tige gefaarlike saak wêze soe. Hy wol dêrom ta op it ferdielen fan Europa yn steaten, dy't om ende by sa grut binne as de âlde midsieuske hartochdommen en greefskippen en elts mei in pear miljoen ynwenners. Benammen Frankryk, Dútsklân, Itaalje en Spanje soenen opdield wurde moatte yn steaten, sa grut as Flaanderen of Bretanje.

Der komt sa fansels net in wrâld sûnder oarloch en diktatuer, mar de gefolgen fan oarloch en diktatuer binne folle minder ferskriklik as yn gefal fan oarloch tusken hiele grutte steaten. Der komt foar Kohr ek in kultureel elemint by: lytsere steaten hawwe yn it ferline in soad bydroegen ta de kultuer, en wichtige kulturele hichtepunten yn de Europeeske skiednis kinne net sjoen wurde sûnder it bestean fan lytse steaten. Wy hoege mar te tinken oan de bloei fan de Grykske demokrasy yn de hiele lytse stêdsteaten yn Hellas, de bloei fan de Renaissance yn in tal hiele lytse Italiaanske stêdsteaten, de bloei fan de Dútske muzyk en opera yn de tiid dat Dútsklân hiel bot ferdielt wie en ek oan de Hollânske Gouden Ieu, om te sjen, dat er dêryn gelyk hat. Lytse steaten hawwe oer it generaal ek minder swierrichheden om in autoriteit as de Feriene Naasjes boppe har te fernearen as de grutte dat hawwe.



Figuer 6: It útstel fan Heineken, hoe sympathyk yn begjinsel ek, roait fansels wat ús gebiet oanbelanget neare nei. Fryslân as in op it fuottenein lizzend ûnderdieltsje fan Isellân, mei Arnhim as haadstêd: jo moatte der net oan tinke.

De Ingelske histoarikus Cyril Northcote Parkinson sleat him yn de jierren santich by de tinkbylden fan Kohr oan. Yn 1992 hat de Nederlânske yndustriële A.H. Heineken op de tinkbylden fan Kohr fierder wurke en syn „Eurotopia” publisearre, de Feriene Steaten fan Europa besteande út 75 lytse steaten. It idee fan Kohr-Northcote Parkinson-Heineken is tige de muoite wurdich, omdat it útgiet fan in hiel aardich konsept. It ferwerklikjen derfan sil sûnder mis gâns swierrichheden opleverje, omdat de besteande machten fansels net graach harren posysjes opjouwe.

Liket Kohr noch út te gean fan in kultuer-histoaryske yndieling fan Europa, Heineken hat dat idee net folge. Hy hat Europa nei adfys ynwûn te hawwen fan twa Leidske heechleraren, tige rasjoneel ferdield yn gebieten mei elts min ofte mear itselde tal ynwenners. Hy seit, rekken hâlden te hawwen mei besteande of op priemmen steande gearwurkingsferbannen. Dat lêste is oangeande ús kontreien oantoanber ûnwier. Hy hat Nederlân ferdield yn trijen: Hollân, besteande út de beide Hollannen, Utert en Sieulân, dan Limboarch, dat him oanslút by Flaanderen, en de rest dy't oerbliuwt, neamt er Ljsselland; fan Brabân oant en mei Fryslân/Grinslân. Soks is fansels hiel ûntrochticht, sjoen de al op priemmen setten gearwurkingsferbannen dy't der binne tusken it Noarden en Noardwest-Dútsklân.

It liket, as wol Heineken noch tefolle de besteande steatsstruktuieren bestean litte. De hjoeddeistige grinzen fan Nederlân, Dútsklân, Frankryk en Itaalje binne noch foar it grutste part yn wêzen. Omdat krekt no it âlde naasjesteatstinken trochbrutsen wurde moat, hearre de nije steaten fan Eurotopia oeral der't dêrta oanlieding foar is oan wjerskanten fan de âlde steatsgrinzen komme te lizzen. It is yn it Eurotopia fan Heineken folslein healwiis, dat de hjoeddeistige steatsgrinzen by Nijeskâns yn wêzen bliuwt. As de minsken yn East- en Noard-Fryslân bygelyks ûnderbrocht wurde soenen yn ien nije steat tegearre mei it noarden fan Nederlân, soe der in hiel oare solidariteit ûntstean as de Dútske, dy't no noch yn beide gebieten bestiet. Ek de tinkbylden fan de minsken yn it noarden fan Nederlân soenen prinsipiël feroarje yn sa'n nije konstellaasje.

Al gâns better is dêrom de kaart fan Europeeske lytse steaten dy't op 19 juny 1992 ôfprinte stie yn de New Statesman. Op dizze kaart is folle mear as op de kaart fan Heineken rekken hâlden mei âlde kultuer-histoaryske of regionaal-histoaryske ferbannen. Nederlân bliuwt dêrop lykwols ien regio, útsein de provinsje Fryslân, dy't in ôfsûnderlike, oan it rest-Nederlân lykweardige regio wurdt. Mar ek de kaart fan de New Statesman hanthavenet noch hast oeral de besteande steatsgrinzen. En dy moatte no krekt oeral dêr't dat kin, trochbrutsen wurde.

Arguminten foar lytse steaten

Der binne mear arguminten foar in opdieling fan Europa (en op langere termyn ek de hiele wrâld) yn lytse regionale steaten lykas Kohr en Heineken bepleitsje. Ien foardiel waard al neamd. Fan lytse steaten geane lang sokke grutte bedrigingen net út as fan grutte. Mar ek as wy sjogge nei ekonomy en ekology soenen lytse steaten wolris folle better wêze kinne foar de takomst as grutte.

De hjoeddeistige tendins nei skaalfergrutting en monoproduksje is net allinnich in grutte bedriging foar it miljeu mar ek in bedriging foar de minsklike eksistinsje. Wy wurde der nammentlik allegearre ferskrinklik kwetsber troch. It kin o sa effisjint lykje, de lânbou yn Nederlân mar alhiel op te dûken en te ferpleatsen nei East-Europa of nei Afrika, lykas okkerdeis bepleite waard. It is net allinnich dom, mar ek hiel bedriigjend en dêrtroch misdiedich. Want wat bart der mei ús yn gefal fan kalamiteiten? Dan rinne wy in grutte kâns, fan de honger te stjerren. Dat der yn de Twadde Wrâldoarloch net folle mear Amsterdammers fan de honger stoarn binne kaam ek omdat der net fier fan de stêd noch boeren wennen. En tûzenen jonge bern út de Hollânske stêden koenen krekt dat lêste benearjende oarlochsjierr oerlibje op it plattelân, foaral yn Fryslân, Grinslân en Drinte. Dêr wie yn elts gefal noch iten. As alle produske fan it iten aanst net mear yn hannen is fan de boeren mar fan multinasjonals as Shell, yn hokker wrâld bedarje wy dan?

Mei it foarmjen fan lytse steaten yn Europa soe in tsjinbeweging op gong brocht wurde moatte tsjin dy libbensbedrigjende gruthedswaan. Kin dat, dêr't de noch besteande naasjesteaten al hast net opwoechsen lykje te wêzen tsjin de multinasjonale ûndernimmings? It kin, omdat der in ferskil bestiet tusken de besteande naasjesteaten en de takomstige lytse regionale steaten. Dy naasjesteaten binne yn de rin fan de jierren tige ferfrissele rekke mei it grutbedriuw, en binne dêrom folle minder by steat ta efektyf ferset tsjin skaalfergrutting. It is ek part fan harren eigen tinken wurden. Omdat de takomstige regionale steaten yn Europa der allinnich komme kinne troch de ynset fan de gewoane minsken yn elts fan dy regio's, mei oare wurden: in beweging fan ûnder op is, sil it wurdingsproses fan sokke lytse steaten de dielnimmers oan dat proses twinge ta it betinken en útwurkjen fan eigen alternativen ta ûntjouwing fan de regionale steat.

Dy alternativen lizze tige foar de hân. Se komme foar yn alternative senario's lykas dy al beskreaun binne troch it Worldwatch Institute yn Washington, it Centrum voor Energiebesparing yn Delft, en organisaasjes yn de sfear fan it miljeuaksjewêzen, lykas Milieudefensie. It giet benammen om it opbouwen fan in ekonomy, dy't foar in part delkomt op re-autarkisearring, om sa de kwetsberens dy't feroarsake wurdt troch grutskalige produksje en monokultueren tsjin te gean. Soks kin foar in part berikt wurde troch it skieden fan funksjes yn de romtlike oardering tsjin te gean en troch it skeppen fan fleksibele wurkgelegenheid, sadat de arbeider net ôfthinklik is fan ien soart wurk.

Yn dizze senario's past ek in beheining fan de streamen fan jild en guod en it tapassen fan miljeufreonlike maatregels: it ferminderjen fan beskate soarten produksje (persoanenauto's, wapens, konsumpsjeguod), it ynfieren fan heffingen (lege of gjin btw op miljeufreonlike produkten, it trochberekkenjen fan miljeukosten yn prizen fan guod en tsjinsten), it feroarjen fan de produksje (de produkten sa meitsje, dat it omwurkjen foar wergebrûk en it reparearjen ienfâldiger wurde), it ferminderjen fan it brûken fan fossile branje en tanimmen fan it gebrûk fan oare enerzjy (massaal tapassen fan wyn- en sinneenerzjy, it brûken fan ierdwaarmte, folle bettere isolaasje fan wenten en gebouwen).

Der binne twa faktoaren, dy't sawol foar Nederlân as Dútsklân as de grutste oarsaken fan miljeufersmoarging sjoen wurde kinne. Dat binne de grutte befolkingstichtens en de heech ûntwikkele yndustry. Wat Nederlân oanbelanget komt der noch in tredde faktor by: de yntinsive feehâlderij. Dat binne allegearre faktoaren dy't yn de Fryske gebieten yn Nederlân en Dútsklân en de dêroan grinzjende plattelânsregio's in folle lytsere of yn guon gefallen amper in rol spile hawwe. In alternatyf ekologysk ferantwurde produksjesysteem soe dêrom krekt hjirre wolris makliker te ferwëntlikjen wêze kinne as yn in soad oare gebieten, ek al, omdat krekt hjirre nije oansetten dien binne ta alternativen: de biogasynstallaasje fan Dearsum en it projekt de Lânsdouwe yn Eastermar, om inkelde sprekkende foarbylden te neamen. Om reden fan in gaadlike takomstige ekonomyske en ekologyske ûntjouwing soenen der hjirre gjin nukleêre yndustryën, gjin yntinsive feehâlderij en gjin enerzjyfrettende broeikastûnbou komme moatte.

3. Gearwurkingsútstellen

Ofsjoen fan in tal troch yndividuen diene suggestjes (it gearfoegjen fan de provinsjes Fryslân en Noard-Hollân ta ien nije provinsje Westfriesland mei Amsterdam as haadstêd, it foarmjen fan ien provinsje mei de namme West-Saksen troch Fryslân, Grinslân en Drinte gear te foegjen of it foarmjen fan in Noardseefrjysteat al dan net mei de namme Fryslân of Frisia) binne der in oantal troch maatskiplike organisaasjes of ferbannen droegen foarstellen:


a. in desintrale of federale ynrjochting fan it Nederlânske steatsbestel. Desintralisaasje wurdt foarstien troch de measte provinsjale bestjoeren yn Nederlân, en ûnder dy foaral ek Fryslân. Ek de Ried fan de Fryske Beweging stiet offisjeel op dit stânpunt. In federale ynrjochting fan de steat wurdt bepleite troch de Fryske Nasjonale Partij en eartiids ek troch de ûndertusken fan it politike toaniel ferdwûne Grönneger Bond.

b. in fiergeand ekonomysk-polityk gearwurkingsferbân mei de namme Hanze Interregio, besteande út de Dútske dielsteaten Bremen en Nedersaksen en de Nederlânske provinsjes Fryslân, Grinslân, Drinte en Oerisel. Dat gearwurkingsferbân soe yn de takomst útgroeie moatte ta in dielsteat. In stap yn de rjochting fan de Hanze Interregio is it foarmjen fan it saneamde „landsdeel“ Midden-Hanze, besteande út de provinsjes Fryslân, Grinslân en Drinte. Dit gearwurkingsferbân dêr't it beslút ûndertusken ta nommen is, hjit lykwols Noord-Nederland. Guon soenen hjirby ek noch de provinsjes Oerisel, Gelderlân en Flevolân belûke wolle.

c. in gearwurkingsferbân fan de Nederlânske (FNV, CNV) en Dútske fakbeweging (DGB) yn Noard-Nederlân en de administrative regio Weser-Ems. Nei oanlieding fan dizze geografyske oantsjuttingen wurdt sprutsen fan de WENN-regio.

d. in troch de Fryske Ried droegen gearwurkingsferbân fan it Nederlânske Fryslân en East- en Noard-Fryslân yn Dútsklân mei as doel: mienskiplik optreden yn de rjochting fan „Europa.“ De Fryske Ried is de organisatoaryske foarm, dy't de yn it foarige haadstik neamde Fryske tradysje stâl jout.

e. De Iems-Dollardregio, in al besteand gearwurkingsferbân fan de Nederlânske provinsjes Grinslân en Drinte en de Dútske gebieten East-Fryslân en Iemslân.



Figuer 7: De Hanze-Ynterregio is krekt sa'n monstrum as it Isellân. As it al in echte dielsteat wurdt yn de takomst, sil Hannover of Bremen wol it regearsintrum wurde en dat is heal of hiel sa fier as De Haach no. Dêr wurde wy neat better fan.

Kommintaar

De desintrale en federalistyske opsjes hawwe yn de praktyk ornaris as mienskiplik skaaimark, dat hja har foaral rjochtsje op it krijen fan desintralisaasje of selsbestjoer op it mêd fan kultuer, ûnderwiis en somtiden ek noch mear fjilden, lykas planology, wettersteat en it beneamen fan lokale funksjonarissen. Beide opsjes stelle de Nederlânske en Dútske steat as sadanich net yn 'e kiif, en de stelling soe dêrom te ferdigenjen wêze, dat Fryske pleiten foar desintralisaasje en ek federalisme de Nederlânske en Dútske steat fuortsterkje. Desintralisaasje en federalisme wolle ek gjin fûnemintele feroaringen fan de machtsferhâldingen op polityk en sosjaal-ekonomysk mêd, wylst dat krekt wichtige fjilden binne om autonomy te besitten.

Troch it ûntbrekken fan dit ynsicht kinne pleiten foar desintralisaasje en federalisme yn beskate gefallen winliken de konservative kant it neist wêze. Der binne oant hjoeddedei ta noch hieltyd pleiten te beharkjen om tebek te gean nei in sitewaasje lykas dy bestien hat yn de Republyk fan de Sân Feriene Nederlannen. It binne benammen federalisten dy't hjir noch wolris op ta wolle. Mar sokke útstellen binne reaksjonêr en winliken ûndemokratysk omdat der gjin dúdlikens jûn wurdt oer politike sizzenkip fan it folk en krekt omskreaune sosjale rjochten en plichten. Dêrom sil ús wei net yn dy rjochting lizze kinne.



Figuer 8: De WENN-regio is, lykas wy yn de tekst skriuwe, in tige sympathyk idee. Mar wy sitte dan noch wol mei Noard-Fryslân, dat der in ein bûten leit.

De nije Hanze

It takomstige Hanze-ferbân is in troch inkelde beropsbestjoerders opleine saak. Der is neat demokratysk oan. Yn dy nije dielsteat Hanze-Interregio dy't op priemmen stiet, sil itselde opheappingsproses fan jild en mooglikheden plakfine as oeral oars: de regio Bremen-Hannover wurdt it nije sintrum en de Fryske lannen bliuwe perifery. De sitewaasje feroaret, de betingsten bliuwe itselde. De namme „Hanze“ liket ek wat yn in hjitte hei en fanút in eftergrûn fan nochal ûnfolsleine histoaryske kennisse foarsteld te wêzen. Want de Hanze wie in ferbûn fan hannelsstêden fan Estlân Noard-Nederlân in soarte fan „Midden-Hanze“ wêze soe. It hat der ûndertusken in soad fan dat dizze namme út de stêd Grins wei komt, dêr't hja fansels it swurk sa stadichoan ek wol driuwen sjogge en har tocht hawwe te wapenjen tsjin it pleitsjen fan Fryske kant om de nije grutte regio „Friesland“ of by need „Vrieslandt“ te neamen. De krampeftigens fan de Grinzer kant om eltse assosjaasje mei de ûnmiskenbere en ieuwenlange Fryske tradysje fan Grins en de Ommelannen út de wei te gean, sprekt wol boekdielen oer de swakte oan arguminten fan dy kant, as it hjirom giet.

Dochs sit der oan dizze Hanze-polityk ek in goede kant. Ynstee fan maatskiplike organisaasjes dy't net yn it sintrum fan de macht sitte, lykas de fakbeweging yn de WENN-regio of de Fryske Ried, dy't al jierrenlang arbeidzje oan goede kontakten oer de grins by Nijeskâns hinne, binne it no ris kommissarissen fan de keninginne en dielsteatpresidinten, dy't de foarstap nommen hawwe. Dêrtroch wurdt it idee fan de ien of oare mienskiplike struktuer dy't dwers oer de Nederlânsk-Dútske steatsgrins hinne rint, foar gâns wat mear minsken akseptabel, en wurdt it opbouwen fan wat nijs yn dizze hoeke fan Europa in stik makliker makke. It sil hoe dan ek op langere termyn it perspektyf fan in hiel soad minsken yn it Noarden feroarje. Hja sille hjirtroch sûnder twivel hiel wat kwytreitsje kinne fan har mentale ôfhinklikens fan it Nederlânske (= Hollânske) sintrum.

De WENN

It gearwurkingsferbân fan de fakbûnsried WENN, dat Fryslân, Grinslân, Drinte, in lyts part fan Oerisel, East-Fryslân, it Iemslân, Jever-Fryslân, de Wesermarsch, Aldenboarch en Osnabrûck beslacht, hat úteinlik in soarte fan dielsteat ta doel. Yn de troch de fakbûnsried oannommen stellingen by it projekt „Politisearring fan in oer de grinzen hinnegeande regio“ stiet, dat de WENN ynstellingen foar de hiele regio skeppe moat, dy't polityk legitimearre binne en dy't polityk en materieel foech hawwe. Dit politike aspekt moat noch ferwêzentlike wurde, mar is tige needsaaklik, om net noch fierder as regio fuorttreun te wurden, sa is de fakbûnsried WENN fan betinken.

Mar it ferskil mei it Hanze-ynisjatyf is, dat it earstneamde in fan boppen opleine saak is, dêr't primêr tocht is oan ekonomyske belangen, wylst it fakbewegingsynisjatyf „fan ûnder op“ komt. De wize fan de oanpak fan de fakbûnsried WENN is folle yntegraler. Soks docht bliken út de projekten, dy't binnen it WENN-ferbân oanpakt wurde. It giet ek om sosjaal-ekonomysk, kultureel, planologysk belied en miljeusaken. Wat it kulturele oangiet: by de fakbûnsried WENN bestiet begryp foar de posysje fan de Fryske taal en de streektalen dy't der fierders yn it gebiet yn libben gebrûk binne. Men wol dêr wat mei dwaan, omdat it Frysk en de streektalen, sûnder fierders it Nederlânsk en it Dútsk tekoardwaan te wollen, in tige wêzentlik elemint yn de regio foarmje. De WENN-regio hat boppedat dit foar op de Hanze-Interregio, dat der net in oerhearskjend sintrum yn it gebiet is. Soks soe it konsintrearjen fan kapitaal en mooglikheden op ien plak mooglik sterk ôfremje kinne.



Figuer 9: De Iems-Dollardregio is te lyts. De provinsje Fryslân soe him hjirby oanslute moatte, dan binne wy in lyts stapke op de wei dêr't wy hinne moatte.

De Iems-Dollardregio

Ek de Iems-Dollardregio is in stap op de goede wei. De IDR komt mei goede inisjativen op ekonomysk en kultureel mêd. It gebiet, dat de regio omfiemet, is lykwolste beheind. Oan de westkant soe Fryslân him oanslute moatte, oan de eastkant soe it gebiet om Wilhelmshaven hinne, Aldenboarch en de Wesermarsch derby komme moatte.

4. Selsbestjoer

Der foarmje har op dit stuit de kontoeren fan gâns oare politike struktueren yn ús neiste omkriten. Der is noch in soad ûnwis, en der sil ek in soad ôfhingje fan fierdere ûntjouwingen op it Europeeske mêd. Mar wy sille der no by wêze moatte, oars wurdt der oer in pear jier oer en sûnder ús besletten. Sjoen de earder yn dit stik makke analyse is der ien libbensbetingst om in takomst foar Noard-Nederlân en de Fryske gebieten yn Dútsklân mooglik te meitsjen. Dat is selsbestjoer, mei eigen finânsjes en eigen mooglikheden ta wetjouwing.

Allinnich mei polityk selsbestjoer is it mooglik, in effektive daam op te smiten tsjin de prosessen, dy't de ôfrûne twahûndert jier sa ûngeunstich foar ús west hawwe. Allinnich mei polityk selsbestjoer is it proses fan it fierder nei de râne wurkjen fan de Fryslannen en oangrinzjende lyksoartige regio's op te kearen, sawol sosjaal-ekonomysk, kultureel as planologysk en psychologysk. Sa yntegraal part bliuwe fan Nederlân en/of Dútsklân as no it gefal is, betsjut fierdere efterûtgong. Dy eask fan selsbestjoer is ek betingst foar it skeppen fan mooglikheden yn de rjochting fan de opbou fan in Europa fan regionale steaten.

Eltse fizio, dy't gearwurking bepleitet mar dêr net de hurde eask fan autonomy oan ferbynt, befoarderet de ûntjouwing yn de rjochting fan monopolisearring en monokultuer en wurket dêrom objektyf mei oan in fierdere útrûpeling fan ús en dus: de wrâld. Dit ferhaal jildt fansels net allinnich foar de Friezen. It jildt likegoed foar Skotten, Welshmen, Bretons, Elzassers, Tirolers. It jildt, mar dan mei in oare eftergrûn, ek foar de ynwenners fan leechsoegde perifere gebieten, dy't ta deselde etny hearre as it steatsfolk út it sintrum: yn Noard-Ingelân, yn Meklenboarch of yn Lotharingen, om in pear foarbylden te neamen. Ek dêr soe men der folle better oan dwaan, it lot yn eigen hannen wurde moat om de besteande steaten te hanthavenjen en de foarming fan regionale steaten tsjin te gean, liket ûnterjocht. Want it binne ommers krekt de besteande naasjesteaten, dy't allegearre stappen dogge yn de rjochting fan gruttere ekonomyske ferbannen mei in temin oan demokratiske en sosjale ynhâld. Boppedat: dy sosjale en demokratiske taken hearre eins alhiel troch de regionale steaten oernommen te wurden.

5. Inkelde opmerkings oer nasjonalisme

Omdat yn de praktyk bliken docht, dat it hjir krekt beskreaune strjiben nei polityk selsbestjoer assosjaasjes opropt mei nasjonalisme, moatte oer nasjonalisme inkelde opmerkings makke wurde. Ekonomyske ekspansje en aggresje binne benammen yn de njoggentjinde en tweintichste ieu ferdigene mei nasjonalistyske argumenten. It meast barbaarske foarbyld fan sok nasjonalisme yn tsjinst fan ymperialistyske agresje wie nazi-Dútsklân, mar ek oare lannen werûnder Nederlân, hawwe harren mei nasjonalistyske argumenten ferdigene koloniale wredichheden. Gjin wûnder, dat nasjonalisme yn West-Europa nei de dekolonisaasje lang op in minne namme lein hat. Elk nasjonalisme soe, sa wie de redensarring, ferkeard wêze fanwege de ferskrikkingen en minskeferachting, dy't it nasjonalisme yn beskate gefallen meibrocht hie.

Roethof wiisde yn 1948 al op de oanstriid, dy't guonlju hienen - op logyske en etysk folslein oannimlike grûnen - om ta in wrâldsteat te kommen. Mar hy skreau doe: „Men soe der goed oan dwaan foar eagen te hâlden, dat de konsekwinse fan dizze tinkwize is it lykskeakeljen fan in grut tal ûnderskate ferbannen en in dêrmei lykopgeande ferhûddûking fan de karakters fan de ferskate nasjonaliteiten, benammen de lytsere. En dat kin dochs min de bedoeling wêze, want dan soe men earst rjocht yn in tiidrek fan ymperialisme fersille rekke wêze. Wêr't dan noch oan taheakke wurde kinne soe de protte ekonomyske en sosjale fasetten dy't oan dit fraachstik fêst sitte. De wrâldsteat leveret op dit stuit gjin oplossing.” It ôfskaffe wollen fan de nasjonaliteiten, omdat beskate foarmen fan nasjonalisme ta oarloch liede, is gjin oplossing, sa skreau Roethof. „Men soe likegoed sizze kinne dat om botsingen yn it ferkear yn 't foar te kommen, it ferkear mar ôfskaft wurde moat. In nasjonaliteit lit him net sûnder mear ôfskaffe. Nasjonaliteiten binne de produkten fan in iuwenlange ûntjouwing, fan de fysyske en psychyske ynwurking fan in grut tal faktoaren, dy't net oer de holle sjoen wurde kinne. Se binne te beskôgjen as in natuerlik gegeven. Noch ôfsjoen dêrfan fertsjintwurdigje se in beskate wearde, in posityf guod, lykas leafde foar en ferbûnenens mei it eigene.”

It nasjonalisme stiet hjoeddedei wer yn it sintrum fan de belangstelling. Soks komt net allinnich troch it opbloeien derfan yn East-Europa, mei alle mooglike ferskriklike gefolgen, mar ek troch it proses fan Europeeske ienwurding. It praten oer nasjonale identiteit is wer yn de moade kommen. Dêrby giet it by ús alhiel net om in aggressive foarm fan nasjonalisme, mar om de fraach wat de nasjonale identiteit eins foar posityfs yn him hat.

Der binne ûnderskate foarmen fan nasjonalisme. It is op foarhân teoretysk, mar der soenen yn dit ferbân twa begripen hantearre wurde kinne: eksklusyf nasjonalisme en ynklusyf nasjonalisme. De begripen „ynklusyf” en „eksklusyf” komme út de moderne teology. Ynklyusyf wol sizze, dat jo by jo idealen ynklusyf tinke, dat wol sizze: rekken hâlde mei alle minsken en mei it ekosysteem dêr't dy minske yn libbet. Eksklusyf betsjut, dat jo eksklusyf tinke, ûnderskate groepen minsken útslute en tige bot út binne op eigen foardiël, op kosten fan oaren en de natoer.

It nasjonalisme fan streamingen dy't sizze: „Eigen Folk Earst“ is in typysk foarbyld fan eksklusyf nasjonalisme. Minsken dy't fan komôf net ta dat folk hearre, wurde bûtensletten. It nasjonalisme lykas dat yn de njoggentjinde ieuwse Romantyk opbloede, wie alhiel net sa eksklusyf. It stelde it steatsboargerskip of it út frije wil lid wurde fan in mienskip sintraal. Immen dy't him naturalisearje liet en him oan de wetten fan in lân hâlde en belêsting betelle, waard automatysk Nederlanner, Ingelsman, Dútsker of Amerikaan. Yn dy betsjutting wie it nasjonalisme in wichtige beweging yn de emansipaasje fan de folken. Troch it pas beskreaune nasjonalisme kamen sokke naasjes ta it opbouwen fan demokratyske en soasjale systemen. It ûntstean fan de moderne fersoargingssteat is net foar te stellen sûnder dy niisneamde foarm fan nasjonalisme, sterker noch: it hie dêrsûnder net slagje kinnen.

Soks hat lykwols op in oar nivo ek altyd spile by folken, dy't it net ta in eigen steat brocht hawwe, lykas de Friezen. Minsken fan Oeriselske, Dútske, Frânske of Yndonesyske komôf, dy't har yn it ferrin yn Fryslân te wenjen setten en de Fryske taal learden, waarden automatysk yn de mienskip opnommen. Mei oare wurden: hja en har neiteam waarden Fries. Sa giet it ek hjoeddedei noch hieltyd. Minsken út oare parten fan Nederlân en Dútsklân jouwe ek hjoeddedei noch hieltyd yn de praktyk dat foarbyld: hja leare de Fryske taal en guon binne Frysk skriuwer of aktyf yn de Fryske Beweging wurden. Sa sil it yn de neiste takomst ek gean kinne mei minsken fan bûten Europa.

Der moat lykwols betocht wurde, dat it nasjonalisme yn tiden fan krisis, lykas yn Dútsklân yn 1933, folslein trochslaan kin nei de oare kant. Fan de sosjale en moderne Dútske steat fan dichters en tinkers, dêr't minsken fan alle mooglike etnyske komôf wol wenje woenen en harsels as Dútsker beskôgen, waard Dútsklân ta in steat fan rjochters en beulen, dêr't gjin plak mear wie foar net-Dútskers. Sok eksklusyf nasjonalisme driget faken om de hoeke te kommen yn tiden fan oarloch en ekonomyske tebekgong.

It Fryske nasjonalisme

It nasjonalisme fan folken, dy't it troch tafal of tsjinslach net ta in eigen steat brocht hawwe, hat in oar ferrin kend. Omdat it net ta foarming fan in eigen steat kaam, waard it striben nei emansipaasje frustrearre. Yn it tiidrek 1900-1945 hat bliken dien, dat der dan in reaksjonêre, ja sels faksistyske reaksje mooglik wie. Dat wie ek foar in lyts diel fan de Fryske Beweging sa. De skamte dêroer hat nei 1945 laat ta in sterk op de demokrasy oriïntearre ynstelling. De Fryske Beweging kaam sa ta de (ferkearde) opfetting, dat eltse aksjeform, dy't tendearre nei mear autonomy foar Fryslân of noch slimmer: separatisme, feroardiele hearde te wurden as polityk fertocht.

Dêrtroch bleau der winliken mar ien mooglikheid oer. It Fryske striben hearde kanalisearre te wurden binnen emansipaasjebewegings, dy't har rjochtsje op herfoarming fan de Nederlânske en Dútske steat, dêr't de Friezen (it folk-sûnder-steat) yn wenje. Tige gaadlike foarbylden binne yn Westerlauwersk Fryslân de sosjalistyske en kristen-demokratyske bewegings. It binne beide bewegings mei in dúdlik besef fan in eigen nasjonale (Fryske) identiteit, mar der wie foar har gjin oare wei as om te emansipearjen binnen it (Nederlânske) steatsferbân.

Soks is fierweihinne slagge, mar Friezen fan beide bewegingen binne mei ien net-oplost fraachstik sitten bleaun: harren Fryske identiteit, dêr't hja net fan wolle dat dy assimilearre wurdt. De meast keazen wei is: besykje dy identiteit te belibjen binnen de Nederlânske steat. Soks is mei harren kristlik-demokratyske of sosjalistyske identiteit ek aardich slagge, dus werom soe it mei de Fryske identiteit net kinne? En dêr sit him no krekt de oast: dat kin net.

Dat kin net omdat der in Nederlânsk identiteitsgefoel bestiet, dat yn wêzen gjin Frysk identiteitsgefoel ferneare kin. It Nederlânske naasjegefoel is folle sterker as it Fryske, omdat it net allinnich súksesfoller liket, mar it ek is. Tanksij de Nederlânske steat ommers binne der in grut tal winsken realisearre. It Fryske súkses stekt dêr mar meager by ôf. It is gjin wûnder. De Nederlânske steat hat de macht. Dy steat easket allerearst solidariteit mei syn eigen doelen, fia bestjoer, ûnderwiis en militêre tsjinstplicht.

De steat beskikt oer de macht om sokke dingen binnen syn territorium op te lizzen. Sa kin it Nederlânske naasjegefoel mei macht en súkses ferbûn wurde. It Fryske naasjegefoel kin dat net.

Minsken dy't tinke fanút de Nederlânske identiteit sjogge harren eigen sitewaasje as sa ideaal, dat der gjin fragen mear by steld wurde. Hja realisearje har net, dat der yn sa'n hâlding in hiele sterke nasjonalistyske trek sitte kin. Mei oare wurden: der sit yn de Nederlânske tefredenheid mei Nederlân in stik nasjonalistysk tinken ferburgen. It Fryske nasjonalisme dêrtsjinoer wurdt troch sokken foarsteld as in absurde ôfwiking fan de ferûnderstelde Nederlânske ideaaltastân.

No't de wei frij liket foar in ûnbedimme ekonomyske ekspânsje liket it op gong bringen fan in beweging, rjochte op it weromgean nei lytsskaliger struktueren en lytsskaliger, regionale solidariteiten, in akseptabele wei nei in minsklike takomst. Dêryn soe ek in regionaal gefoel, of in nasjonalisme as it Fryske begrepen wurde kinne. Betingst is, dat sok regionalisme of nasjonalisme him ferbynt mei sosjale bewegings lykas de fakbeweging.

In mienskippsielen is needsaaklik om de kommende problemen oan te kinnen. Sa'n Frysk nasjonalisme heart begryp te hawwen foar lju en bewegingen, dy't wol in ein meigean wolle yn de winsk nei (mear) selsbestjoer yn ús gebiet, mar harren net bine wolle oan it Fryske identiteitstinken. Oan de oare kant soe der by oaren yn it Noardseekustgebiet begryp foar krekt it Fryske nasjonale gefoel komme moatte. Yn sok mienskiplik oparbeidzjen is neffens ús gâns wat te berikken.

It Fryske gefoel yn de boppe fermelde tolerante betsjutting kin yn it Noardnederlânske en Noarddútske kustgebiet in binende krêft wurde, omdat der binnen it Fryske tinken, folle mear as yn typysk regionalistyske bewegingen, it gefoel foar in stik mienskiplik ferline yn dizze regio libbet. It moat útstijge boppe it provinsjale tinken. Dêrby moat betocht wurde dat de namme 'Fryslân' yn it Europeeske fermidden earne foar stiet, yn tsjinstelling ta lege begripen as it 'Noarden' of 'Hanze Interregio'.

Doe't it Nieuwsblad van het Noorden yn 1990 in artikel publisearre oer de eventuele stifting fan in ûnôfhinklike republyk Grinslân wûisde de rjochtskundige Verwey derop, dat sa'n nije steat Grinslân troch de ynternasjonale mienskip erkend wurde koe, as dy oan trije betingsten foldie. Der moast, sa sei Verwey, in steatsgebiet, in effektyf steatsregear en in steatsfolk wêze. Dy twa earste betingsten joegen wat Grinslân oangiet gjin problemen. Mar dat lêste punt, in steatsfolk, dat wie it him no krekt: Grinslanners foarmje hoe dan ek gjin folk. It wie faaks ek wol wer typysk foar in beskaat soarte Grinzer mentaliteit dat doe net even de line trochlutsen is nei de Friezen. Want fan de Friezen kin wol sein wurde, dat se in folk binne. It ferwizen nei it ieuwenâlde Fryske ferline fan Grinslân hie yn dit ferbân ek noch hiel aardich kinnen: Hoe benearyend provinsjaal winliken it idee fan in republyk Grinslân is, die bliken út datjinge dat neffens de skriuwer de earste „bûtenlânsk-politike“ died fan dy steat Grinslân hearde te wêzen: anneksaasje fan Skiermuontseach.

6. Doel: autonomy

It doel fan de sosjale bewegings yn de WENN-regio heart autonomy te wêzen, sûnder dat ôfsûndering neistribbe wurdt. Yn it ekonomyske wol dat sizze, dat de ûntwikkeling autonoom wêze moat, dus autarkyske skaaimerken hawwe moat, mar perfoarst net autarkysk wêze moat, oannommen dat dat mooglik wêze soe. Dy autonomy slút yn de wurden fan Gorz net út dat der gebrûk makke wurdt fan bûtenlânske technology, wittenskip of jild, en betsjut, dat de oantrún ta waakdom fanút de eigen maatskippij komt, dat útgien wurdt fan it eksploatearjen fan de eigen materiële helpboarnen en eigen minsklike enerzjy en eigen kreativiteit.

Dy materiële helpboarnen binne der. It ierdgas jout in sône finansjele basis foar sa'n autonome regio of dielsteat, sûnder dat it no fuortendalik allegearre út de grûn of út it oanswettende part fan de Noardsee helle wurde moat. Yn it kulturele betsjut it, dat der gjin ienheidskultuer optwongen wurdt, mar dat in plurifoarme bloei fan kultueren tastien wurdt en dat dêrfoar de middels beskikber binne.

Hiel efektyf soe bygelyks it stiftsjen fan in televyzjestjoerder wêze mei in berik fan de Rânestêd Hollân oant Súd-Denemark. Dy soe in gefoel fan byelkoar hearren ta stân bringe moatte yn it hiele gebiet. Dêrta moatte eventueel ûndertitele programma's útstjoerd wurde yn it Frysk yn syn ûnderskate farianten, it Grinslânsk-Eastfrysk, it Drintsk en Stellingwerfsk, it Platdútsk, it Nederlânsk en it Heechdútsk. Op planologysk mêd moat net strjibe wurde nei it skeppen fan konsintraasjes, mar nei in evenredige sprieding fan mooglikheden en kânsen yn it hiele gebiet dêr't dy autonomy jildt.

Sûnder no krekt alle mooglike details oan te jaan, is der in blauprint oan te bieden fan wat ús foar eagen stiet. Der hinget fansels in soad ôf fan ûntjouwingen op ynternasjonaal mêd. Wis is, dat der yngripjende feroaringen op kommende wei binne, mar dochs bliuwe der fragen. Om in pear (fan dy foar in part iepen) fragen te neamen: Giet de Europeeske ienwurding troch of stagnearret dy? Hokker ûntjouwingen sille Nederlân en Dútsklân de kommende tsien jier trochmeitsje? Is it mooglik de krêften te ûntwikkeljen, dy't ús tichter nei ús doel bringe? Wat wy der sels oan dwaan kinne, moat yn elts gefal besocht wurde. Dizze blaудruk is in earste stap dêrta.

It gongbere tinkskema is faken: ta op Europa en dan besykje rjochten te krijen foar ús eigen regio's. Wy wolle in oare wei: de Fryske wei heart, krektlyk as dy fan Skotlân en Wales, te lieden nei in stik soevereiniteit. Pas fia dy soevereiniteit kinne wy dielnimme oan Europa. It is nammentlik net wis hoe't de Europeeske ûntjouwingen gean sille. De ienwurding kin ek mislearje. En dan hawwe wy ús hope festige op in Europa, dat der net (mear) is.

Senario's

Omdat in tal saken net wis is, is it de baas, en jou yn dizze blauprint inkelde senario's. De earste stap soe in fiergeande yntensivearring wêze moatte fan alle mooglike kontakten op polityk-maatskiplik mêd yn de gebieten, dy't dy nije dielsteat foarmje moatte. It betsjut dat folle mear yndividuen en groepen as no it gefal is, ynskeakele wurde moatte. Folle mear groepen en yndividuen as no soenen sels de foarstap nimme moatte ta mienskiplike aktiviteiten. Op it mêd fan ûnderwiis en toerisme binne gâns ynisjativen te nimmen. Der soenen mienskiplike ierdrykskundefe skiednisprojekten opset wurde kinne foar de basisskoallen en it fuortset ûnderwiis om sa de bern yn de ûnderskate gebieten fan elkoars eftergrûnen op de hichte te bringen. Der soenen útwikselingen fan skoalleklassen komme kinne, ekskurzjes oer en wer. Der soenen toeristyske beskriuwingen útkomme moatte oer it hiele gebiet, boekjes mei toeristyske fytsrûtes tusken Husum en Huzum. Der soenen folle mear sportive meetings organisearre wurde kinne. Wêrom net in Tour de Frise, of in mienskiplike fuotbalkompetysje opsette?

Mar noch folle wichtiger soe in ynisjatyf fan politisi en oare maatskiplik aktive minsken wêze kinne. Hja soenen fan no ôf oan harren tinken rjochtsje moatte op autonomy yn Noard-Nederlân en yn it distrikt Wezer-Iems. Wylst dat proses plakfynt, soe der tagelyk tariedend arbeide wurde kinne oan it oaniensluten fan beide nisneamde regio's. Soks kin noch hiel wat drokte jaan, sjoen it ivige bargebiten tusken Fryslân en Grinslân bygelyks. De Grinzers soe dúdlik makke wurde moatte, dat Friezen bêst gearwurkje wolle, as soks mar net betsjut dat Grins oer in oantal wêzentlike saken fan ús hinne wâdet. Grins soe wat mear hert foar de Fryske belangen krije moatte, dan is der hiel wat te berikken. As soks te berikken falt, soe in fiergeande noardlike gearwurking tige de muoite wurdich wêze kinne.

In eigen parlemint

In wichtige konkrete politike died soe wêze kinne: it lyktidich starten fan in brede aksje foar in noardlik parlemint en in parlemint yn it Wezer-Iems-distrikt. Sa'n aksje soe bygelyks begjinne kinne mei mienskiplike Steategearkomsten yn it Nederlânske part fan de WENN-regio en mienskiplike Kreisriedgearkomsten yn it Dútske part. Sa soe oan beide kanten fan de steatsgrins in parlemint ûntstean kinne. As dy parleminten der iennis binne, soenen se beslute kinne ta gearfoegjen fan de

beide gebieten, en ien (nij) parlemint foarmje. Dizze parlemintsaksjes soenen in sa breed mooglike stipe fan maatskiplike organisaasjes en sosjale bewegings yn it WENN-gebiet krije moatte.

In aksje as troch ús hjir útsteld hoecht net ta in him ôfsetten tsjin Nederlân en Dútsklân te lieden. As it idee oanhing kriget, soenen wy sels de ynstimming fan beide steaten besykje kinne te krijen, troch ús idee oan te bieden as in mienskiplik Nederlânsk-Dútsk projekt, in mei Nederlânske en Dútske stipe te foarmjen ynterstateatlike autonome regio. Wy wolle hjirby wize op de tinkbylden, dy't okkerdeis formulearre binne troch de (Nederlânske) kommisje-Zeevalking. Dy kommisje bepleitet in fuortsterking fan de Benelux as in kultureel en ekonomysk tsjinwicht tsjin in al te grutte Frânske en Dútske dominânsje.

De kommisje seit ûnder oaren: „De nasjonale steaten, erfskip fan de njoggentjinde ieu, moatte plakmeitsje foar nije ferbannen fan ekonomyske, kulturele en steatkundige aard. De ienentweintich provinsjes en it gruthartochdom kinne werombrocht wurde ta njoggen gewesten dy't tegearre in bûk foarmje dat him mjitte kin mei de buorlju nei kwaliteit en kwantiteit: Flaanderen, Brabân, Limburch, Luksemburch, Henegouwen, Maaslân, Fryslân, West-Saksen en Hollân. In nasjonaal parlemint, de steaten fan de gewesten en de rieden fan de gemeenten wurde rjochtstreeks troch de befolking keazen. It sil in opwurdearring fan it Frânsk fan gefolgen hawwe en Parys sil it ien en oar dus mei nocht oansjen. Foar Fryslân rize mei it each op East-Fryslân faaks ek nije mooglikheden. As grinzen falle yn Europa falle hja hooplik ek tusken de gruttere steaten. De Dútsktalige kantons yn België soenen de frijheid krije moatte om in oar steatsferbân te kiezen. Dy mooglikheid soe men de Frânsktalige provinsjes ek biede moatte.”

In namme: Fryslond

Hoewol't it allegearre noch moat en hoewol't soks in saak fan demokratyske beslútfoarming heart te wêzen, is it foar ús ferliedelik, wat te filosofearjen oer de namme fan de (diel)steat dy't ús foar eagen stiet. Dizze steat moat geografysk teminsten it âld-Fryske gebiet fan de lette midsieuwen omfiemje. Sa'n kearnsteat tusken Fly en Wezer en op de westkust fan Sleeswyk-Holstein soenen oare gebieten as se dat wolle, oansluting by sykje kinne. Te tinken falt oan Drinte, it Iemslân, Aldenboarch en Dithmarschen en mooglik noch mear krite. In gaadlike namme foar dy kearnsteat soe bygelyks Fryslond wêze kinne. Dat is de âldste ynheemske werjefte fan de namme fan dit diel fan de wrâld. De oantsjutting komt foar yn de Aldingelske Beowulf. De oantsjutting Frisia, dy't ek wol neamd is, komt út Latynske boarnen en is dus minder echt. De namme Vrieslandt, útsteld troch âld-kommissaris Wiegel, moat fersmiten wurde, omdat dy noch folle jonger is en likemin echt. De namme fan Fryslân heart yn elk gefal mei in F skreaun te wurden. De namme Vrieslandt wiist ek op in ynstânholden fan de ôfhinklikens fan Nederlân. Wy fersmite suggestjes mei de oantsjuttingen 'Hanze' en 'Saksen'. De 'Hanze' besloech in folle grutter gebiet as de dielsteat dy't wy wolle en der binne al twa Dútske dielsteaten mei 'Saksen' yn de namme. Dêr hoecht noch net in tredde by.

Dy steat of autonome regio Fryslond heart in federative ynrjochting te krijen mei wêzentlike bestjoerlike desintralisaasje. Soks hoecht net te betsjutten, dat wy in steat mei in hiele swiere burokrasy stiftsje wolle. De burokrasy heart krekt sa lyts mooglik te bliuwen. Der heart gjin dûbel of ûnnedich wurk dien te wurden. Sa opfette, betsjut bestjoerlike desintralisaasje krekt in sa licht mooglik apparaat. Bestjoerlike desintralisaasje docht ek rjocht oan de kulturele eigenheid fan elts gebiet. Sa soe Ljouwert provinsjehaadstêd bliuwe kinne. Mar ek yn Auerk en Husum heart in (provinsjaal) bestjoerssintrum te kommen. Grins moat út soarte universiteitsstêd bliuwe, mar der hearre ek universiteiten te kommen yn Ljouwert, Auerk en Husum. De relatyf lytse befolkingstichtens is gjin reden om it net te dwaan; de universiteiten sille har spesjalisearje kinne en studinten út de hiele wrâld oanlûke. Der soe dêrom ernstich oer nei tocht wurde moatte, of de fiertaal oan dy universiteiten net foar in diel Ingelsk heart te wêzen. Mar ek de eigen talen hearre der in reedlik plak te krijen as fiertaal en objekt fan ûndersyk.

FRYSLOND FERLIKE MEI OARE STEATEN OP SELDE SKAAL.



Figuer 10:


Guon fine dat de takomstige (diel)steat Fryslond, dy't wy foar eagen hawwe, te lyts wêze soe. Om sjen te litten, dat soks bêst tafalt, hawwe wy op dizze kaart allegearre echte steaten en dielsteaten op deselde skaal om ús Fryslond hinne tekene.

Hiel wichtich is ek dat de steat dy't ús foar eagen stiet, behalve in parlemintêr-demokratyske ek in sosjale steat is. Omdat yn hiel Europa de sosjale regelingen fan de fersoargingssteat minder lykje te wurden, sil in sosjaal belied kern fan in noardlik (Frysk) autonomybestribjen wêze moatte. Omdat der in relaasje liket te bestean tusken it hege nivo fan leankosten (troch belestingen en preemjes) en de grutte wurkleazens soe de sosjale wissichheidsgrûnslach, dy't de Amsterdamske organisaasje-adviseur Piet van Elswijk bepleitet, ynfierd wurde kinne. Dat komt derop del, dat belestingen en preemjes net mear op de leanen drukke, mar betelle wurde út in preemjeheffing oer in part fan de omset fan de bedriuwen. Fan dat bedrach mei de ûndernimmer lykwols dy som ôflûke, dy't syn wurknimmers by wurkleazens de oerheid oan útkearingen kostje soenen. It wichtichste effekt is, dat arbeid goedkeaper wurdt, omdat de wurkjouwer foar eltse ekstra arbeidskrêft de fiktive útkearingslêsten ôflûke mei fan de foar syn bedriuw berekkene sosjale wissichheidsgrûnslach. Der komme wer mear minsken oan it wurk, de winsten wurde minder fluch oantaast en it swart wurkjen ferdwynt. Tegearre mei it systeem fan de sosjale wissichheidsgrûnslach heart ek in systeem fan wurknimmersmeisizzenskip yn de bedriuwen en ynstellings ynfierd te wurden.

De ekonomyske en politike ûntjouwing fan in steat Fryslond hinget tige ôf fan ynternasjonale ûntjouwingen. As de tendins yn Europa nei it fergrutsjen fan de mobiliteit de earstkommende desennia noch tanimt, is der net oan te ûntkommen dat der oerders, fan de Rânestêd oer de Otslûtdyk nei Harns, Ljouwert en Grins en sa fierder ûnder de Iems troch nei Emden, Auerk, Wilhelmshaven, Bremerhaven en fierder in fjouwerbaans-autosnelwei komt, en in elektryske dûbele spoarwei, de Frisia Rail. Ek sil der dan in útwreiding fan de betsjutting fan inkelde fleanfjilden (Ljouwert, Eelde, Jever en Husum) foar boargerloftfeart yn oerwaging nommen wurde moatte, lykas in fergrutsjen fan de betsjutting fan de havens fan Harns, Delfsyl-Iemshaven, Emden, Wilhelmshaven en Husum.

De kâns is lykwols grut, dat fanwege de tanimmende belêsting fan it miljeu de mobiliteit ferlytse wurde moat. Dochs sil yn dat gefal in goede ferkearsynfrastruktuer ek needsaaklik bliuwe. Dan sil der ôfsjoen wurde kinne fan útwreiding fan de loftsferkearsmooglikheden en it oanlizzen fan in autosnelwei ûnder de Iems troch. De spoarferbining is lykwols al needsaaklik, en ek it hanthavenjen fan goede havenfasiliteiten.

Ien fan de remeedzjes dy't Reich yn syn boek oer de takomst fan de naasjesteaten jout is: soargje derfoar, dat der sintra fan kreativiteit en ideeën binne. Dy sintra hâlde in stik ekonomyske aktiviteit yn in beskaat gebiet, en lûke ek kreative geasten oan. Dêrtroch bliuwe der minsken wenjen mei hege ynkommens, en bliuwe der mooglikheden foar in sosjaal belied foar dejingen, dy't net sa fortunlik binne. Tsjin in drijgjende ferearming soenen gefoelens fan solidariteit mei elkoar yn de regio of (ideel)steat mear ûntwikkele wurde moatte. Wy kinne hjir wize op wat straks al sein is oer regionale solidariteiten.



Figuer 11:

Der binne ideale en ideale. Der binne ideale, dy't allinnich mar in tinkbyld bliuwe. Mar ús ideaal, in (diel)steat Fryslond soe wol werklikheid wurde kinne. Op dizze kaart is dêrfan in mooglike útwurking te sjen. Der soe in Frisiarail komme moatte, en in tal universiteiten heart der ek by. Dan sil Fryslân de takomst treast wêze.

7. Konklúzje

Selsbestjoer is neffens ús de iennichste wei nei in takomst foar it Noardseekustgebiet tusken Alkmaar en Esbjerg. Sûnder dy autonomy is dy takomst wif en nei alle gedachten net mooglik. Binnen dat autonome gebiet, dat Fryslond hjitte kinne soe, sille in parlemintêre demokrasy, sosjaal-ekonomyske rjochtfeardigens foar eltse ynwenner, foldwaande mooglikheden foar de bloei fan de Fryske taal en kultuer en de oare fan âlds dêr oanwêzige (streek)talen mei alle moderne mooglikheden dy't dêrby hearre, produksjewizen dy't as it heal kin de natoer net ferneatigje en wittenskiplike ûntwikkeling fan kreative tinkbylden en takomstige technologyen bestean om oer alle boegen de takomst treast te wêzen.

Literatuur:

- BRUGGER, ERNST A.: Eigenständige Regionen - Utopie oder Realität? Das Konzept der endogenen Entwicklung in Industriestaaten. Neue Zürcher Zeitung 9 desember 1983.
- HEINEKEN, A.H.: The United States of Europe (A Eurotopia?). Amsterdam 1992.
- KOHR, LEOPOLD: The Breakdown of Nations. Londen 1986.
- LAFONTAINE, OSKAR: Der andere Fortschritt. Verantwortung statt Verweigerung. Hamboarch 1985.
- NAIRN, TOM (en oaren): Borderlands: Nations and nationalism, culture and community in the new Europe. New Statesman 19 juny 1992.
- NN: Nieuwe Hanze/Neue Hanse Interregio. Vereenbarung/Overeenkomst. Bremen 1991.
- NORTHCOTE PARKINSON, C.: Breakdown of Nations. Review of Leopold Kohr's book, second edition, London 1986, New York 1987. Regional Contact 1987/1.
- PEEPERKORN, MARC: Ei van Columbus voor economie. Leeuwarder Courant 29 desember 1993.
- PINGEL, FIETE: Ein Konzept eigenständiger Entwicklung in der Region. Neue Wege braucht das Land! Nordfriesland 1987.
- POMA, KAREL: Energie en democratie. Waar het om gaat. Antwerpen/Amsterdam 1976.
- POTMA, THEO: Het vergeten scenario. Minder energie, toch welvaart. Amsterdam 1979.
- REICH, ROBERT: The work of nations. New York 1991.
- ROETHOF, H.J.: Het zelfbeschikkingsrecht der nationaliteiten. De Haach 1951.
- WERKGROEP EEMSMOND: Een alternatief werkgelegenheidsbeleid voor de provincie Groningen. Harns 1976.
- ZEEVALKING, H.J., en oaren: Democratie als beeldenstrijd. De Haach 1994.